

z z z z z z z z z z

FOAR DE FÜST WEI

FOARDRACHTEN

FOR

FRYSKE GEARKOMSTEN

FEN

A. WYBENGA.



A. J. OSINGA
PRINTERIJ - UTJOWER
SNITS.

FOAR DE FÜST WEI.

FOARDRACHTEN

FOR FRYSK GEARKOMSTEN

FEN

A. WYBENGA.



MEI IN FOARWIRD FEN DR. G. A. WUMKES.

UTJOWN EN PRINTE
A. J. OSINGA - SNITS.
1914.

FRIEZEN!

*Do 't Wybenga okkerjiers mei Fetsje troude, tocht
ik, nou scil er de rympinne dellizze en as dichter tosiik
reitsje. Hwent de measte frouljue hawwe it mier oan
'e skriuwerij. Mar dat is oars útpakt. It fjûr waerd
nammers-tomear oanfitere. Wybenga bleau dichter. By
alle drokte yn 'e genierkerij foun er syn hjeljounsûren.
En sa poent er mar stil en stadich wei de snaren. De
lêzers fen it tiidskrift „Yn ús eigen Tael“ witte
dat. Der fynt men juwielen fen syn lieryske poëzy. En
nou jowt er ús dizze samling nije fersen to sinteklaes.
Ik kin se rikkemedear. Oeral hwer Fryske gear-
komsten hâlden wirde, kin men mei dizze foardrachten
foar it boerdtse komme.*

G. A. WUMKES.

SNITS, 27 Nov. 1914.

Oer âlde tiden.

Hjir, oan 'e igge fen Germanje
 Yn it lân fen rein en wyn,
 Dêr 't faek Noarman skoert en bilet
 Setten — 't is al ieuwen lyn! —
 Yn de bosken, by de poelen
 Hjar alear de Friezen del;
 't Folk wie rûch yn wird en oansjen
 En syn lân ien great struwel.
 Tsjuster, lyk as jamk de wolkens
 Dy 't hjir swiere oan 't himmelwiid
 Leit ús 't kommen fen ús foarfaer
 Yn dy âlde, grize tiid.
 Rou fen seden, as de boaijem
 Dêr 't de Fryske wente op stie
 Tsjinne hy de wylde goaden
 Dy 't forbylding úttocht hie.
 Yn syn wâlden, op syn terpen
 Ljuente er fen Alfaders macht,
 Songen skâlden Wodans gloarje
 Spilen fen syn himmelpracht;
 As de swarte wolkems swaeiden
 Mei in wylde swang yn 't roun,
 Den ried Donar troch de loften
 Smiet syn wearljocht nei de groun!
 As yn 't foarjier 't sudewyntsje
 Tearkjend rjeaunte oer 't marrewiid,
 Ljurkjes songen, blomkes geuren:
 Den wie 't Frija's minnetiid!
 As de nea forfearde kriichshelt

Deldroane op it fjild fen ear
 Waerd er opnomd fen Walkyren,
 Wie 't Walhalle for him klear.

 Mylder tiden komme harren
 Mei it fredich kristendom,
 En 't Walhalla moat fordampje
 En de goaden truzelje om.
 't Jowt neat, as de Fries mei stegens
 Him oan 't âlde leauwen hâldt.
 't Jowt neat, as er Bonefaesjes
 Moardjend slacht by Moarrenwâld:
 Lyk de boajem dy 't mei skrippen
 Omset wirdt ta fruchtber lân,
 Sa winkt hijr it krûs fen Kristus
 Nei in heger gloarjekroan.

 Fâlt ús each op letter ieuwen:
 Bliere glânse, donker skaed,
 Ljocht en tsjuster, fremd formongen
 Krinklet oer der Friezne paed:
 Frede troch it bloed fen Jezus
 Makket mannich herte frij,
 Mar dy frijens wirdt oan 't tsjoerlein
 Fen de Roamske útfyndery.
 Unrêst, kriich en boargerstriden
 Bûkje, heistrje skok by skok,
 Skierngers en Fetkeapers fjuchtsje
 Mei in lôgjend-wylde wrok.
 't Hûs, det tsjin himsels fordield is
 Tûmelt, sakket as in stien,
 En . . . de Sakser ploaitst ús geaën,
 't Is mei d' âlde frijdom dien.

Nije glânse strielet hearlik,
 't Heil det sa ynlokkich is:
 Sillich, dy 't de Heere tsjinnet
 Bûten bycht en oalje en mis.
 Spanje strijd yn boun mei Rome,
 Nassau komt op Fryske groun
 Elk goe-Fries wit hwa 't „Us Heit“ is
 Fielt him oan Oranje boun.
 Nijer tiid bringt nijer geasten:
 Tinkers rjucht en sikers skean,
 Nije dwalings, âlde ôfwikings
 Optoaid mei „moderne“ klean.

 As it smûke sintje it Westen
 Kleuret mei in gouden gloed:
 As it dauwet oer 'e fjilden
 Is it my sa frjemd to moed;
 Bylden út skiere âlde tiden
 Sparkelje foar 'e eagen my,
 En de stimmen fen 't forline
 Sjonge in wûndre melody
 Lûstrje en romje fen det sterke
 Skaei fen helten, great en frij:
 Hja, dy 't ieuwen lyn forstoaren
 Fiel ik den sa tichtebij.
 En in gouden glâns fen 't moaije
 Det oer 't âlde Fryslân giet
 Flonkert troch d' oerstjalpe siele
 Dy 't yn 't wiid him driuwe lit.
 Plakje lân dêr 't d' âlders woarstlen
 Dû, dû bliuwst my ljeaf en djûr
 't Herte trillet, ynlik oandien
 Fen in nea to dwesten fjûr!

Lit my for myn Fryslân bidde:
 Wêze o God ús folk dôchs nei,
 Meije it noait zyn aerd forstjitte
 Nim syn tael net by him wei!
 Lit it harkje nei de lexoms
 Dy 't it skiednisblêd ús jowt,
 Lit it tankje, det Jins Ried ús
 't Fries to wêzen, tabitrouwyt.
 Jow ús, det wy jimmer knibbelje
 For de Fader, Dy 't ús droech,
 Dy 't ús myld en ryklik goeddych,
 't Ljocht fen 't Evangeelje joech.
 Den, den weaget oer ús terpen
 Oer ús bou en 't greideleech
 Oer ús wâlden en ús marren
 Lof en tank nei Jo omheech.

Striid en frede.

Do 't de minse yn 't Paradys stie
 Mei de reinheitsglânse omstriele,
 Wie syn libben inkeld moaijens
 Neat as lofsang for syn Skepper!
 Mar in fluenske lokstim helle
 Adam del yn 't slyk der sûnde,
 En sont is syn libjen stjerren
 En de flok snijt him yn 't herte!
 Al det lijen, al dy triennen

Dy 't der út ús eagen syplje.
 Al det fjuchtsjen, bloedskânsearjen
 Is 't gefolch fen 's minskdoms kweadwaen,
 Jimmer klage in lûd fen lijen
 Op nei 't blau forwulft hjirboppe,
 Jimmer wâllet yn 'e herten
 Langstme nei it weiteine Eden!
 Jimmer brûsket yn it herte
 't Sûndekwea yn draeiske brânnig,
 Yn ús opstân leit ús fallen
 Yn ús greatskens is ús lytsens;
 't Unrucht graeit oant 's ierdryks iggen,
 En de Kweade bringt syn hel hjir
 En de sûnde mei hijar lokjen
 Lit ús gâlle en alsem drinke!
 Né, it jowt de siel gjin frede,
 Al 't foarútgean fen ús tiden,
 Wirdt it sân ek fruchtber boulân,
 Flucht de stoamguds troch de fjilden,
 Sjucht ús each miljoenen wrâlden
 Mei 't forgreatsend glês oan 't blauwe,
 Mei de minsk troch 't loftrom sile
 Mei er siikje op séëboajem
 Né, by al 't natuertrochkrûsjen
 Gjin úntwyk for 't freegjend herte
 Rêstleas grypt it fierder, fierder
 En al 't moaije blykt in skaedbyld.

 Oan 't fen God fortflokte krûshout
 Ta in spot fen Joad en Heiden
 Spykre 't folk syn ivge Kening
 Him, Dy 't rein wie, suver heilich!

Mar ho 't Him de pine ek netle
 Oer Syn lippen glied gjin kleiword
 't Laem Gods, det ús sünden weinimt,
 Bidde roerend for Syn moardners.
 't Wie de swierte fen ús sünden
 Dy 't Him djiip yn 't lijen deltreauw;
 't Bloed det út Syn wounen dripte
 Makket skien ús for ús Skepper.
 Golgotha seach 't nearste lijen
 Seach de Soan fen God forlitten,
 Golgotha is 't greateste ljochtpunt
 For de minske dy 't dêr knibbelt.

Tsjügen fen it wiere Libben
 Det wer opstie út de deaden
 En nou ivich hearlik glânsget
 Roppe Joad en Heiden 't heil ta.
 By al 't striden: „frede op ierde!“
 By al 't tergjend Godforjitten:
 „Yn de minsk Gods wolbihagen,
 Eare oan God, Dy 't ús Syn Soan joech!“
 Ider, dy 't nei 't libben longert,
 Ider dy 't by Kristus skûlet
 Fielt, det Dy him sielespize is
 En 't by Him sa smout en skoan is.
 En sa klonk it troch àl d' ieuwen,
 En sa dreau 't àl fierder, wider:
 „God is oan Syn folk genadich,
 Stjürde hjar Syn lenichberne!“
 Alle smerte wirdt forsête,
 Alle hûngrjen ryklik sêdde
 En it ivich sillich libben

Wachtet oan Gods folk hjerneimuls!
 Dët is wille for it herte
 D'earme sûndaer vrij en ryk
 God to ljeavjen is *de* weelde,
 En Gods trouwe bliuwt allyk;
 Trilje, riizje, bliere lofsang!
 Kristus jok is wûndre skoan,
 Frede troch it bloed des Kruses
 Frede yn 't lijen fen Gods Soan!
 Baernend fen forwoede grime
 Det syn tsjinder him ûntrokt waerd,
 Brocht de Satan al syn wapens
 Tsjin 't forloste folk to fjilde.
 Spot en hûnjen, flok en laster,
 Fjûr en wetter, swird en galge
 Sloegen heislik 's Hearen tsjinders!
 't Is ten God det wy noch steane.
 's Hearen Wird, ho faek yn 't fjûr goaid
 Is noch noait yn flammen opgien;
 En ho slim for fabel útskeld
 Is noch fleurich, libbend, kreftich.
 't Kin de fijan noait net lokke
 Om Gods bern 't geloaf t' ûntnimmen:
 Wirdt ek sims it each oerflueze,
 Swarte wolkems moatt' fordampje.
 Jezus' wird jowt rike treaste,
 En det tawird scil gjin krimp jaen:
 „Ik bliuw by jim, jimm' geloave
 Scil de hiele wrâld oerwinne.“

As de Heilân op in wolkem
 Komt to rjuchtsjen oer 'e folken:

As Er komt yn hearlikheit,
 Krêft en wündre majesteit;
 Ierde en himmelen forslide,
 Sinne- en stjirreljocht fordwine:
 As it lêst bazuneskal
 Droanjend davert troch 't hielal —
 Den scil 't ryk der tsjusternisse
 Alle krêft ta tsjinstân misse;
 Den scil Satans macht forgean,
 Scil hy foar syn Rjuchter stean,
 Scil de sterke in Sterkre fine
 Den scil God de sterke bine;
 Wei syn oansjen en biwâld,
 God is Heasker oer 'e wrâld.
 Alle knibbels bûge d' eare
 Oan 'e grote Himmelheare!
 Op dy hearlike oardieldei
 Fâlt de Helske Deadmacht wei.
 D'alde Draek, dy 't sielen daette
 Hjar yn 't near fordjerren laette
 Stoart mei al syn tsjinders del
 Yn 'e kolken fen 'e hel.
 Dêr forskroeiye, dêr forkwine
 Scil se yn ivich fjûr en pine
 De út syn glânse fâllen stjer
 Libbet einleas stjerrend dêr!

Lyk in kening nei it striden
 Komt mei freugde, yn 't herte blide
 Om 't er sloech, alhiel oerwoun
 Dy 't tsjin him de kamp bigoun:
 Sà scil d' ivge Heare komme!

En syn hater bûgt, forstomme
 En de frommen sjonge bliid:
 Nou 's ús fijân út 'e tid!
 Troch ús Gods, Jehova's dieden
 Skynt it suvre ljocht oer d' ierde:
 Ivich mei in blide klank
 Him de lof en Him de tank.

Babel.

Nei Emanuël Geibel.

En hja seinen: „hwet giet noch d'Almachting ús oan?
 Lit Him heech yn 'e himmel stil sitte op Syn troan!
 Hjir op ierde binn wy, en de Minske is hjir Baes:
 It der nou net fen nimme? — 't wie fierstento dwaes!

„For ús 't wyld yn it wâld en de fisk yn it wiet!
 Jowt it nôt ús gjin brea en de hunich gjin swiet?
 En de harp gjin musyk en de druef ús gjin wyn?
 En de frouljue gjin ljeafde? det heegre is mar skyn!

„Ta in blyk fen ús krêft, ús trochloftich biwâld
 Lit in teiken ús sette, hwet greats op 'e wrâld!
 Lit in toer ús hjir mitslje, dy 't noait wer forgiet
 En dy 't heech mei syn pjuts yn 'e himmelen stiet!”

„En al 't folk balte it út mei in wyld glinstrjend each,
 Hier jowch him to skrep en it young eft it fleach;

Mei de bile en de moker heide elk der op yn
En hja wraemden yn 't bosk, wrotten djip yn 'e myn.

En hja strieken de tichels, oer 't liem gyng de brân
En de lôge sloech d' oune út en ljochtte oer it lân;
De kameel slipte lêsten fen hein en fen fier
En de mitsler stie dreech mei de trûfel yn 't spier.

En de wynassen kriesden by 't krêkjen fen 't tou,
Ringen woeks ta in berch it permantich gebou
As in sweevjende stêd mei in swidenden glâns,
In wiidweidigen swéslach oer trâns boppe trâns.

En det dûrre dêr moannen en 't gyng der om ta,
En do boarren de pjutsen de wolkems midstwa:
't Greatske herte sprong op: „wy binn' sterk, wy binn' great,
Hen, dêr stiet er! en nimmen dy 't ús hjir hwet leart!

En nou wirdt oan ús namme alle d' ieuwen troch tocht,
Ienmul wirde as oan goaden ús offers ta brocht,
Moarn is klear ús stikwirk yn syn ivige pracht!”
En hja súpten en songen en . . . swart kaem de nacht.

Mar de Almachte hjirboppe hearde it opstânnich wird!
Mar de Cherub des Hearen mei it fonkeljend swird
Saeide del yn in wolk do 't hja slepten yn 't stof
Driigjend swaeide er syn ris en it flikke en — it trof!

Mei de striel plofte in lûd as in tongrjende knal
Ynlik skodde de toer fen 't basunegeskal,
Waggljend krêkken de pylders en spjalten fen ien:
Mei de bôgen, de trânsen en mûrren wie 't dien!

En dêr flikkere in wjerlocht fen swevel en bloed
En dêr draei-dwarre in damp, in ûntsettende gloed,
In wyld-lôgjende flamme sloech heech yn 'e loft
Golve om 't pún fen 'e toer, nou yn broazels to ploft.

Glêd forsteure yn hjar sliep stouden túzenen ta
En hja skreauden en moartten: „hwa docht it hjir sa?”
't Bange schriktoaniel seach hjar forwêzlingen stean
En hja loeken hjar 't hier út, forskoerden de klean.

En de broer koe de broer by de namme net mear,
En de bûrman wie glêd mei de bûrman ûnklear;
't Ljocht yn 't each wie forbjustre, 't seach skilich en skean,
En hja koenen elkoarren nin wird mear forstean.

Rimpen draiden hja om, 't gyng hjar kåld oer 'e lea,
't Wie eft fielden hja ynlik de pynlikste dea;
Yn in yslik forwarjen stoude elk op 'e rin
En hja strofflen en knofflen en 't hân'ge sa min!

En de skrik stie yn 't each en de flok snie yn 't hert
Ider rydboske it út fen in gûljende smert,
Ider flechte en smiet ringen syn ris op 'e wein
En hja meaten der hinne en de nacht naem nin ein.

Iyk it tsjel det forwyndret nei Noard en nei Sûd
Iyk in opjage hazze, sa snienen s' er út:
En de gloed fen 'e brân walme heislik en stom
Op der flechtingen wei, — en gjin minske seach om!

En de tjûrgloed bikomt en hja fluchtsje net mear,
En it daget, de loft wirdt wer helder klear,
Mar neat, neaf det de strieljende ljochtdraegster sjucht
As it rijkende pún op it plak fen it Rjucht.

Simsonne útein.

Dêr leit er yn 't ûnhurich gat
 Tofike fen 'e smert,
 De helt, yn 't foarge great en sterk,
 En nou in stobbe lyk.

Dêr kwynt er wei yn neare nacht,
 Yn tsjuster det noait wykt,
 Noait sjucht er 't gouden moarnjocht en
 De bergen Isrels wer.

Mar tsjienris tsjusterder as roet
 Is 't binnen yn syn hert,
 't Is him sa eang, sa wémoedfol,
 In wylde lijenssé.

Hy snokkert om sy heislik lot,
 En 't walget yn him op:
 Det njirrebrod, det 'k jimmer stie
 Do 'k sterk wie, hat my nou.

Alear, o'k die do hwet ik woe,
 'k Sloech eltse fijan del,
 Ik sjoude Gaza's doarren wei,
 'k Briek 't aldersterkste tou.

Né, 'k mei net ynjaen me yn dy dei
 Do 't ik foar 't earst hjar seach,
 Hja wie in Filistynske, hja
 Bigûchle my alhiel.

„Forklearje my”, o leidich kaem 't
 De ljeave lipkes út,
 En 't eachje blonk my loddrich tsjin:
 „Hwêr leit jou sterkens yn?”

Ik skoarre yn 't earst tsjin 't andert oan,
 'k Forrile faken hjar, . . .
 Hja toarnde en parse my sa lang
 Det ik myn hert hjar sei.

„Honear men my myn lokken snijt
 Bin ik as ider minsk”,
 En op hjar skirte waerd ik skeard:
 God naem de krêft my ôf.

De Filistinen wierne oer my
 En bounen me as in houn,
 Hja stieken my myn eagen út
 En 'k wie my sels net mear.

O yslik waerd myn neare nacht!
 Mar dych dy pine ek sear
 Mear as it ljocht fen d'eagen mis
 Ik 't ljocht fen God omheech.

Hwet bin 'k al tiden yn hjar macht!
 Ho krûpe d' furen om!
 Is God sa hird? né stil myn siel,
 Ik dych my sels myn leed! —

Ja wier, hy suchtet hjir al lang
 Yn boeijems, tsjük en swier;

Mar ek is yn dy lange rēk
Syn hier wer woechsen, gānsk.

En yn syn ieren trillet sims
In fonk fen d' âlde krēft,
It is in ljochtstriel fen syn God,
De dage nei de nacht.

O, as! . . . mar né, hy tinkt net mear,
Scoe hy, de knotte beam
Nij útsprúte en wer wünders dwaen?
Dêr is 't to fier fen ôf.

Dêr krast wer 't hirde wird troch 't hûs:
„Oerein! 't is tiid, oan 't wirk!
't Giet op in seamljen, meits dôchs oan!”
— Simsonne drôge is wei.

Men skoert him foart, men triuwt him oan,
Hij mealt de moulne wer,
En trillet ek syn herte oerstjûr
Syn haters merke it net.

* * *

In freugdesang, in jubelliet
Giet oer it hiele lân,
't Rûz't júchjend troch fen stêd oant stêd
't Brûz't weagjend oer it strân:

„De Filistyn is fier de baes
Oer 't delbûtste Israël

Dy frjemde ynwrotters binne nou
Der glêd forslein by del.

„God Dagon hat dit wûnder dien
En oan syn tsjinders tocht!
Hy weitse oer ús, mei 'n blide geast
Oan him nou d' eare brocht!”

De greate dei brekt oan, dy 't elk
Fen freugde dounsjen docht,
It bloed fen d' offers spielt troch 't rom,
't Folk balt it út fen nocht.

Al d' oersten mei de foarsten binn
Yn Dagons hûs by'nien,
Yn d' alderwyldste sangen wirdt
D' oerdwealskens útring dien:

„Júch reuzesoanen, Dagon ta!
Hy joech ús macht en ear,
Wy binne great, wy bliuwe great,
Gjin fijâñ twingt ús mear!

Wy wierne liep en Simson foel
En Isrel is forslein,
Krûpt yn der bergen hoalen wei
Syn krêften binn' to'nein.”

't Folk dounset dronken foar syn God,
Ropt: „Simson moat der by!
Wy woll' de bline mealder sjen;”
Dêr riijst de nocht op nij,

Dêr bringe hja de finzene yn;
 Men liedt him by de hân,
 En iederien faksearet him:
 Wy haw dy yn 'e bân!"

Elk spot mei d' earme sa 't er wol,
 Hy kin net ien wjersteān, . . .
 Ofmartle suchtet er: „och lit
 My nei de pylders gean!"

Dêr stiet er den, ho siedt him 't bloed;
 O koed er mei ien feech
 Hjar wrake dwaen! . . . dêr stjûrt syn hert
 In bea nei God omheech:

„O sterke Heare, tink oan my
 Dy spot dochit my ynlik sear
 Hwent sy faksearje yn my ek Jo!
 Help my dizze iene kear.

„Jow my, det ik hjir mei ien rok
 De fijâ̄n delslaen mei,
 Jow 't njirrebrod in iv'ge smaad
 Jins folk in bliere dei!"

Nou saeit yn him dy wûndre krêft,
 Hy 's helt, hy 's d' âlde wer,
 En gjalpt: „myn hân bringt my de dea,
 Mar ek jim allegear!"

Hy grypt de beide pylders oan
 Dêr 't hiele hûs op rêt,

Hy dûkt him, set him skoar, . . . ien slach! . . .
 De tempel hat er west.

Ien needgjalp en de tûznen haw
 D' ein fen hjar hûnjen foun
 Mids ûnder pûn en grûs, de kroan
 Fen 't lân leit tsjin 'e groun.

Sa reage Simson yn syn dea
 De Filistinen del
 Gods haters krigen 't lijjen thûs
 't Lok riizde oer Israël.

Blide wille.

(Ut Jesaja.)

Merk op, myn folk, myn Israël :
 Ik bring jim 't wird nei 't heech bifel :
 De treast for jim, sa sprekt myn God,
 De rjuchte treast en 't wier genot.
 De Hear wol al ús kwea forjaen ;
 Dy 't mei himselme hat to dwaen
 Biskynt in wûnderhearlik ljocht,
 God hat van Syn genade tocht.
 Kom toarstich folk, kom ringen yn
 En keapj'e molke en reine wyn
 En sêdsje jim oan 't eabelst focht :
 De Heare jowt it om 'e nocht.

Formeitsje jim fen herten yn
Der wiere wille sinneskyn ;
Yn ginst hat God syn Isrel jown
In hearlik oarde, in fette groun.
Messias, Davids Hear en Soan
Komt ta Syn folk en nimt jim oan ;
De Geast des Heeren is op Him
De Kening fen Jeruzalim,
De Geast fen wysheit en forstân
Tsjucht Him mei rie en sterkens oan.
Hy rjuchtet net nei 't each it sjucht,
Hy docht oan d' earmen suver rjucht.
De folken scille frede ha
En bringe Gods berch hilde ta,
It Bounfolk riizt ta 'n hege steat,
Dêr ider bliid syn bûrman leart :
Kies Him fen tûzen oaren út
De Woartel Jesses, Davids Sprút !

As Davids Soan oer d' ierde stiet
Den frede as dauwe oer 't ierdryk giet,
Den is de striid en 't skeel to 'n ein
Den is de fyânskip fortein
Men scil gjin leed in minske dwaen
Mar 't gleone swird to 'n lodde slaen,
Ho njuet en mak is al it fé !
Net ien is mei syn kloeren ré,
Hja boartsje bliid en lizze swiet ;
De hiele wrâld is lof en liet ;
De nijrre hâldt hjar hjit fenyn
De slang hjar deadlik biten yn,
In beuker boartet mei hjar nêst

En jowt him yn hjar hoal ta rêt.
En nearne scil men leed mear dwaen
Gjin moardner is mear op in baen
Gjin near fordjerren glûpt yn 't roun
Op 's Heeren hiem, op Sions groun
Hwent d' ierde, — wei is al 't gekreau ! —
Is fol fen 's Heeren kennis nou.
En wit-ho-heech en wit-ho-blier
Druwt oer de wrâld de heilbanier ;
Gods Ryk stiet ûnforwrigber fêst
En hearlik wêze scil Syn rêt.

Wy mijne sjonge wûnder swiet
It ten God-sels ús oerjown liet :

Ic tankje Jo, myn Hear en God,
For 't ryklik stjûrde sielsgenot ;
Jou grime is ôfkeard en forby
Jou lilkens, en Jo treastgje my.
God is myn Heil, myn bliid forset
Ik doar fortrouwé, ik freezje net,
De God 't ivich heilforboun
Hat psalmen yn myn mûle jown ;
Myn sterkens is yn Him en Hy
Forsoent myn kwea, is Ijeaflik my !
Ho 'n wille jowt Er 't aller tiid
Hy makket ús it herte bliid,
De boarn fen 't heil ús iepengiet,
Mei freugde skeppe wy hjar wiet
En sizze op bliid-forheven toan :
Rop 's Heeren heilige Heilsnamme oan,
Forkündigje ider folk mei nocht

Hwet dieden God ús Heilân doch.
 Ho heech binn 's Hearen wûnders gien !
 Hwet greate wirken hat Er dien !
 Hy hat ús rom forlossing jown
 Bring dizze tynge d' ierde yn 't roun.
 Sjong Sion, frolik, júchje ta
 Dû meiste it hearlikst foarrjucht ha :
 Hy brocht ús yn 'e rjuchte steat,
 Hy is yn ús formidden great,
 Loksillich is ús ivge rêst,
 Hwet God ús tasei, jowt er fêst.

De grote Strider.

Hwa mei dêr sa krêftich komme,
 Unbitwongan, ûnbiskromme ?
 Hwa mei dêr sa treftich gean
 Yn Syn rea bismodse klean ?
 Is 't net, hied Er, dreech as ien
 Dagen yn 'e wynpars stien ?

* * *

't Is de Rie en Sterke Heare
 Wûnderlik yn macht en eare,
 't Is Gods lenichberne Soan
 Sittende op de Himmelstroan,
 Dy 't yn heilich reine dieden

't Suver Ijocht jiet oer hiel d' ierde,
 Dy 't tsjin alle hindernis
 Machtich to forlossen is,
 Dy 't rjuchtfeardich fen biwâld
 Satans macht omlegens hâldt.

* * *

't Hearlik Godsplan, noait forbitsen
 Waerd for Davids ear ûntditsen :
 Ik haw fêste help bisteld
 By in únforskrokkene Helt
 Dy 't allinne 't heil bifjuchtet,
 Dy 't Syn folk yn suvrens rjuchtet ;
 Ik jow oan myn Ienge Soan
 Gevens en in drege troan ;
 Hy is rjuchter oer 'e wrâld
 Ivich dûrret Syn biwald.

* * *

Hark Syn stim klinkt fen 'e troan !
 Nim Hielal, it biddend oan :

'k Haw de striid allinne striden,
 Nimmen stipe me yn dy tiden,
 Stie my by de parse by ;
 Nimmen holp yn 't wraksljen my !
 Ik haw rjucht dien yn myn sake,
 'k Sloech de fijan yn myn wreke,
 'k Haw him op myn dei forgiemd,
 'k Bin for lêst noch pine kriemd,
 'k Ha him opsocht, dy 't My terge
 My op wreke en oardiel ferge,

'k Ha d' oerdwealske húnder foun
 Him aan hán en foetten boun,
 Hwent myn greate dei wie kommen,
 'k Brocht útrédding aan de frommen ;
 Troch myn kommen en myn sjen
 Giet it greatske folk forlern,
 Troch myn wündren, hege en greate
 Giet it dronken folk to neate,
 Al hjar kréftten scil forgean
 Ik allinne, Ik bliuw stean !

'k Haw de macht der heidenfolken
 Dy 't sa heech riisde as de wolkems
 Slingere yn 'e djipte del
 Smiten yn 'e neare hel !
 Al hjar pracht is hjar úntsonken
 Al hjar ljocht is hjar forblonken :
 'k Wâdsje moedich mei myn foet
 Yn myn haters sypljend bloed :
 Ik, Dy 't great en machticht hannlje
 Op it paed fen-'t rjuchtdwaen wannlje
 Help Myn tsjinders út 'e need
 Ut gefaer en moeite en leed ;
 'k Hearde nei hjar lûd geklei,
 'k Seach hjar wraksljen op hjar wei,
 Ik wie yn Myn broerreherete
 Djip bigien mei al hjar smerte,
 'k Makke hjar fen 't twangjük frij
 En hja folgje ynblide My,
 'k Lied hjar aan Myn sterke hán
 Nei it sillich Himmelsk lân."

Belsazar.

Yn 't keninklik hûs sloech de wille sa heech :
 Hja dronken en geaten wer yn,
 Hja priizgen de goaden fen silver en goud
 By 't kraeljen fen d' eabelste wyn.

Dér dounsen de frouljue, dér gyng de musyk,
 Dér sponggen de herten omheech ;
 Hja swierden en swaeiden mei 'n loddrige laits
 Mei 'n fonkljend en dûbelsjend each.

— Ho great is ús pracht en ho fier rikt ús macht,
 Sels Israëls God joech bilies ;
 Wy drinke út syn tsjilken, weifield út syn stêd,
 Dér rekke syn folk yn 'e ties.

Hwet scille ús dy wylden, dy Perziërs dwaen ?
 Dy sakje mei gauwens wol ôf !
 Us stêd is sa sterk en de gréft is sa breed,
 Wy hâlder hjar wille genôch ! —

Mar hen, hwet is der op dy mûrre to sjen ?
 Ho skrillet it hert hjar yn 't liif !
 De kening stiet stom mei 'n bilitzen gesicht
 En 't each fen 'e foarsten stiet stiif.

As fingers allyk fen in hán op 'e wand
 Dy skriuwe dér 'n wird op 'e stien ;
 De hán wirdt wer wei, mar it skrift bliuwt der stean,
 En 't dwyljende tsjirgjen is dien.

De glânse fen 's Kenings gesicht is fordwoun,
Hy trillet en skoddet alhiel;
Syn knibbels binn' slop en syn hier steit oerein
En 't heazet him stroef yn 'e kiel.

Hy ropt alle wizen fen Babel by'n ien,
En stammert: „fordreau dôchs ús skrik!
De trêdde by my yn dit keninkryk hy
Dy 't útlizzing docht fen dit stik.”

Der hotsje de wizen hjar wittenlik brein,
Mar 't wird is hjar fiersten to swier
Dit giet hjar to stûf, wit-ho-fier oer 'e meuch
Hja stean mei de hânnen yn 't hier.

Noch mear wirdt de Kening fen herten oerstjûr,
Syn hope sinkt hielendal wei,
Syn foarsten stean riedleas, syn wizen forslein,
Hja witte gjin útwei der mei.

Dêr wirdt de bitûftens fen Daniël romd,
En tel wirdt de hillige brocht:
„Jo moatte ús hjir helpe, forstânnige foarst!
Bring Jo oer dit wird dôchs it ljocht.

„Myn wizen, Chaldéërs en wiersizzers kinn'
Fen 't skrift ús gjin útlizzing dwaen,
Mar as Jo ús sizze, hwet dit hjir bitsjut
Scil 'k rom út myn skatten Jo jaen.

„Den klaeije wy Jo yn it skittrendst habyt
In pronk oan myn klaeijing allyk,

Mei goud om 'e hals, en in stjir op it boarst,—
De trêdde bin Jo yn myn ryk.”

Dêr stiet hy, dy 't trou bleau oan Israëls God
Ek yn syn forhevene steat,
Dêr stiet er, de Geast fen syn God roert syn hert,
Syn wird is sa keninklik great:

„Hâld Kening, Jins jeften gerêst for Jo sels
En jow Jins forearing in oar,
'k Scil lykwols Jo sizze, hwet God hjirmei seit
Al nim ik gjin skatten dêrfoar.

„'t Wie God, Dy 't Jou heit ta dy hearlichkeit brocht,
Dy 't Nebucadnézar syn ryk
Syn greatens, syn eare en syn machtigens joech,
— Net ien wie dy Kening allyk.

„Fenwegen de greatens o Kening, him jown
Dych elk nei syn machtige stim
Fenwegen syn majesteit, sterkens en rom
Sa siddren de folken for him.

„Mar do 't him syn herte yn syn binnenste stiek,
Hy: „ik haw dit Babel boud!” sei
Do staette him God fen syn strieljende troan
En naem Er de glâns fen him wei.

„Hy waerd fen de minsken forstaet, en hy iet
Oan gêrs, lyk it fé, 't lichem fol,
Salang oant er ynseach: 't is God Dy 't yen jowt
Dy 't nimt op Syn tiid nei 't Hy wol

„Jo kinne det witte, mar joegen gjin acht
 Op 't wird det Jehova Jo seit:
 Grouwélich to stekken dy God nei de kroan
 Jy skammen 't Jo jimmer gjin wreid.

„Jo hellen Syn heilige bekers mei spot
 Jo geaten ûnheilichlik yn,
 Jim dronken der út, al jins machtgen en Jo
 En waerden oerstjûr fen 'e wyn.

„Mar 't komt Jo to moeijen, dat húnjen fen God,
 Tel hat Syn barmhertigens dien.
 En rop den Jou Goaden, dy hearre Jo net
 Dy Goaden fen hout en fen stien ?

„De Heare yn 'e himmel, Dy 't wit fen Jins wirk
 Seit Jo mei det diel fen in hân
 Mei 't skrift, det Hy teikne it founis Jo oan,
 It oardiel oer Jo en Jou lân.

„*Hy telde, Hy weach Jo, bifoun Jo to licht,*
 Jins hearlikheit siket om 'e ein,
 Jou Keninkryk is oan 'e Perziërs jown,
 Jins tsjinstfeinten binne al forslein !”

Dy selde nachts kladdre de Pers yn 'e stêd,
 En wei raende Belsazars macht
 Hja fongen de Kening,— 't wie 't oardiel fen God !—
 En daetten him d' eigenste nacht.

Maria by it krús.

„*Stabat Mater Dolorosa*,
 fen fierrens folge.

Mei it each fol hjiitte triennen
 Drôvich snokkrjend, near fen binnen
 Dêr de mem by 't kruishout stie,
 En in flym fen bittre smerte
 Snie troch 't ljeavjend memmeherte
 Eft in gleonskerp boalswird wie.

Fen it nearste leed oerstjalpe
 Fen it ynlykste wé oergjalpe
 Parsse it hjar ta 'n hertbea :
 „God des Himmels, fol ûntfermjen
 Sjuch myn lijen, hear *Him* kermjen
 't Krús tonettelt Him de lea !”

O hja fielt hjar knibbels stjitten ;
 Noait is 't greate leed to mijitten :
 't Skimert foar hjar stoarjend each ;
 O dy bittre tsjilk to drinken
 Docht hjar yn 'e groun forsinken,
 Alle hope hinne fleach.

Om de skuld, dy 't hiel dizz' ierde
 Mei in izren iést biswierde
 Waerd hjar Soan oan 't krúshout slein,
 Waerd Hy fen Syn God forlitten
 Moast Him 't Bounfolk sels forstjitte
 Waerd mei moardners Hy forspein.

Lit my gûle mei Marije,
Mei de drôve mem híj líjé
Hwaem de deasmert wagglijen docht,
Det ik ek mei siel en sinnen
Dizze Jezus tear biminne
En oan Him bihaegje mocht.

Mocht it tinken oan dy smerte
Fêrt him yn myn siele sette:
Ik dych Him det leed, det kwea
Do 't op Him ús sünden woegen
Hat dy Hear myn skuld ek droegen,
My forlost fen sünde en dea.

Lit my by it krúshout sitte
Híj fen 't Godlik wûnder witte,
Fen it hillich offerlaem
Det yn al Syn libbensdagen
Smerte en pinen hie to dragen,
Det híj om to lijen kaem.

'k Neame Jo Marije sillich
Hwent Jo brochten Him, Dy 't hillich
Sûnder sünden is, to wrâld;
't Lok mei út Syn wounen striele
Gyng it swird slim troch Jins siele
't Krúshout draecht ek Jou bihâld.

Wy oanbidde Gods genede
God, Dy 't rjucht sprekt, is myn Frede
Sjucht me yn myn Forlosser oan,
'k Fyn ûntfermjen yn Syn wûnen

'k Fyn forjeffnis for myn sünden
Yn it soenbloed fen de Soan.

Ienmul sjuch ik moat ik skiede
Ut dit flêsk en fen dizze ierde
De ek for my fortsjinne priis
Leit myn lea yn 't stof to râsten
Den bin 'k frij fen sünde en lêsten
Yn it ivich paradys.

Dorkas.

Hja gyng troch to strijitten meilijend to moed,
Forseftsjend it leed, hwêr 't hja kaem, dych hja goed
En d' earme dy 't s' opsocht yn needrige klûs
Seach in Ingel to sines en seegne hjar hûs.

Hwêr 't lijen ef tsjinstuit 't lok delbûke hie
Dêr wie hja, dêr holp hja mei rie en mei die,
Hja balsme de wounen, gyng 't lijen to kear
Hwent hjar each koe gjin trien sjen, det dych hjar to sear.

Hja, ryk wie hja yn goud, mar 't joech gjin genot
As 't goed to bisteegjen yn tsjinst fen hjar God!
Hwa liet de Hear Jezus Syn folglingen nei?
En dy earme to treastgjen, dêr dijde hja mei.

Dy 't djip yn 'e krapte to hûngerjen siet,
Dy sêdde hja ryklik, fordreau syn fortriet,

Dy 't toarst hie, kryg' drinken, dy 't omdoarme in plak,
Sels de frjemdling joech s'iten en frij ûnderdak.

Hwaens klaeijing to tin wie, dy rikte hj' in kleed,
De sike bisocht hja en skriemde om syn leed,
Yn hoalen en krotten, hja skamme it hjar net
Jimmeroan wie de fromme ta bystân biret.

En as men hjar priisge om 't sa nommel hja wie
Det mocht hja net hjerre en hja sei: „hwet ik die
Is ommers noch hyn noch bynei net sa 't moat
Och hwet sjit 't by Jezus nog parten to koart!”

Dêr gyng troch de bûrren in tynge fol smert,
't Wie d' earmen en lijers sa near om it hert,
Men lûstre: Tabitha is siik, 't stiet sa min
En 't wol mar net bettrje, ho freegjend w'ek binn'.

Dêr riisde út forskatener siele in gebet:
„O Heare yn 'e himmel, biwarje ús de smert
Det hja ús úntfält, dy 't sa dierber ús leit
Stean ús by, help hjar op, en forblidsje ús, o Heit!”

Mar 't like eft it smeken gjin helpe dwaen koe,
En 't skynde eft de Heare gjin útkomst jaen woe;
Hja kwoun alhiel út, en al ringen wie 't dien
En oer mannige wang gloep in baernende trien.

Hja gjalpten it út, hwent it gyng hjar sa nei
Hjar útkomst, hjar hope yn it lijen wie wei
Hja wisten mar kwealk mear: 't is God, dy 't ús slacht,
Dy 't ús libben en 't ljocht joech, de dea en de nacht. —

Dêr hearre hja: Petrus, d' Apostel is nei! —
Hja stjûre nei Lydda de tyngé: „hj' is wei
Us treast en ús stipe, o kom ringen by ús
En forseftsje ús swier lij'en en forlichtsje ús great krûs.” —

Dêr stiet Simon Petrus by 't ynwite lyk.
En gûlende toane de widdowen 't blyk
Fen Dorkas gol woldwaen, hjar rynskens yn 't jaen:
Kinne Jo yn 't swier leed koarts noch útkomste ús dwaen?

Dêr knibbelt de Apostel fen Jezus foar 't lyk
't Gebed kliuwt omheech nei de Himmelske Untwyk:
„O Greate, o Almachtige hear dôchs ús bea,
Jow ús wer dy 't hjerre leit, rop hjar op út 'e dea!”

„Tabitha, stean op!” en syn wird is mei macht,
En dêr komt de kleur op hjar wang wer, hja slacht
It each nei him op, en hja sit wer oerein, —
Ider stiet oer it Godlike wûnder forslein.

De rouwe is fortein, en it each sjucht wer blier;
De rop oer it wûnder giet wittende fier,
Hja leauwe oan de God, Dy 't de heilswirken dochter,
En it krûs wirdt de groun fen de sillichste nocht.

Johannes op Patmos.

Op it strân fen d' Egeyske
 Under 't helder strieljend blau
 Stiet des Heilâns ljeafste folgling
 Yn al 't leed syn Master trou;
 En it Ijocht út heger oarden
 Sparkelt mei in swiete glâns.
 Hark! as wie 't de wrâldbasune!
 't Lud striekt by de lotten lâns:
 „Ik bin d' Alpha en d' Oméga
 D' earste en lêste yn ien persoan!
 Ringen kom ik op 'e wolkems
 Rop ik 't minskdom om Myn troan!”
 Yn it mids fen lottre Ijochten
 Stiet de Gods- en Minskesoan.
 Om Syn lea in gouden girdle,
 Wite klaeijng hat Er oan;
 Sniewyt blinkt Syn hier en holle
 Mei der sinne glânse omtein,
 Lyk as koper yn in oune
 Glinstret Him it foettenein.
 Machtich rûst Syn Keningssstimme,
 Daverjend fen strân oant strân;
 Saun oerhearlik gleone stjirren
 Fonkelje yn Syn rjuchterhân.
 — „Freezje net, Myn trouwe tsjûge
 Dy 't hjur oan Myn foetten leit;
 Ik bin dea west, mar 'k bin opstien
 'k Libje yn d'r ieuwen ivichheit;
 Ik hâld yn myn hân de kaeijen

Fen de hel en fen de dea,
 'k Scil Myn tsjinders net forlitte
 Myn ûnthjit forjit ik nea.
 Ik bin d' Alpha en de Oméga,
 Ierdryk, swije earbiedich stil!
 My it oardiel, My de wrape
 My, Dy 't is en komme scil.”
 * * *

Dêr, dêr giet de himmel iepen,
 — 't Docht Johannes ynlik oan, --
 D' Ivge sit op d'ivge setel
 Mei in reinbôge om Syn troan.
 Heilich, heilich, trijris heilich
 Is de grote Majesteit;
 Him al d' eare, Him de gloarje
 Yn al d'r ieuwen ivichheit!

* * *
 't Godlik riedlingboek fol wûnders
 Hâldt Jehova yn Syn hân;
 Mar gjin skepsel kin 't ûntslute,
 Skoatle is 't mei saundûble bân.
 Hwa, hwa scil dit boek ûntseeglige? . . .
 't Is it reine Godlik Laem
 Juda's Liuw en Davids Woartel
 Det it heilswerk ûndernaem.
 Eare oan 't Laem, det ienmul slachte is,
 Droech Gods swiere grimegloed,
 Det Syn folke vrijheit koft hat
 Mei Syn eigen hertebloed.

Saun basunen skalle it oardiel,
 En it ien nei 't oare wé
 Bliksmet gysten út 'e hege
 Himmel del oer lân en sé.
 Om de sünden fen 'e minsken,
 Diveltsjinst en hellekwea
 Slacht hjar heil en fjür en hûnger,
 En sy siikje nei de dea!
 Riedleas kauwje hja hjar tongen,
 Pynlik wirdt nei útkomst socht;
 Mar ho 't hjarren 't ûnheil nettelt
 Oer bikearen wirdt net tocht!

Lit der folken likens riizje
 Lit hjar woest en groulik dwaen:
 Allegearre scille siddrje,
 D' Almacht scil hjar macht forslaen.

* * *

Hèn, divel smyt oer d' ierde
 Al syn grime en wylde wraek,
 't Beest út d' ôfgroun mei saun hollen
 Lient syn macht fen d' âlde Draek.
 Allen, dy 't op ierde wenje
 Net biskreaun binne yn Gods Soan
 Bidde it beest út helledjippe
 En it byld des beestes oan.
 En de hoer, dy 't op it beest rydt,
 Dêr yn swide weelde sit
 Swaeit de ryksstêf oer it minskdom
 Det hjar as Goadinne oanbidt.

Mar hja mei hjar machtich miene
 Yn hjar kekinginneljocht
 Sjuch de pine scil hjar fine
 En hja wirdt mei fjür bisocht!
 Eare oan God, Dy 't hjar de Sterke
 Inkeld mei Syn wird oerwo'n:
 Hja is fâllen, hja is fâllen
 't Great en machtich Babylon?
 God brocht oer hjar dwaen it oardiel,
 Rouwe en dea scil oer hjar gean,
 En hjar neiste sibben scille
 Sidderjend fen fierren stean!

* * *

Lit de Satan listen tinke,
 Wol er 't Isrel Gods ek krinke,
 't Jowt net, fijan krygt gjin foet;
 Sit Gods tsjerke ek faek yn 't neare.
 't Is de greate en sterke Heare
 Dy 't Syn folk aloan bihoedt.

Hat hja f'ral yn 't lêst der dagen
 Lijen ūnk en leed to dragen,
 Dêr hjar ramp nei ramp birint,
 Sjucht men yn dy swiere tiden
 Gog en Magog 't folk bistriden
 Hy, Dy 't stoar oan 't krús oerwint.

Sterken swypkje, helten fâlle
 Op Gods wink by tûzentallen,
 Hearskers tomlje fen 'e troan

Mei hjar listen en hjar lagen,
En de greate dei der dagen
Komt nei al dit tjuster oan.

Dêr komt Jezus op in wolken,
En it each fen alle folken
Scil de greate Oerwinder sjen!
Hja dy 't ienmul Him trochstieken
Dy 't de Heilge skildich sprieken,
Haw de hope alhiel forlern.

By dit lêste en greatste wûnder
Smeekt de sidderjende sûndaer
Snokkerjende berch en rots:
Fâlle op my, woll' my forbergje
— 'k Doarst de Hear to heislik tergje! —
For de greate grime Gods!

't Rjucht wirdt spritsen en de deaden,
't Fromme folk en de forkearden
Steane foar de wite troan;
D' iene seit Gods mûle lijen,
D' oere 't ivich heilforkrijen
Ider nei fortjinsten oan.

't Ivich heil oerglânsget d' ierde,
't Gouden ljocht scil noait wer skiede,
Elk forstiet de Heitestim;
Noait scil God Syn folk forlitte,
Frede dauwet sûnder mijtte
Oer it njî Jeruzalim.

Ivich lof en ivich eare
Oan de greate en ivge Heare
Dy 't ús mei Syn heil biskynt
't Lok en 't wiere lok allinne,
God is sels de gouden sinne
't Lotte ljocht dat noait forkwynt.

Amen Jezus, komme ringen
Om Jins folk by'nien to bringen,
Litte sjen Jins macht en ear!
Det wy dôchs Jins Heilstead seagen,
Blink foar aller minsken eagen:
Amen, ja kom ringen Hear!

De widdow fen Starum.

„Fen kant dy boel, smyt wei yn sé!
Haw ik jo dêt den hjitten?
Hie 'k om in skipfol neazich nôt
Jo útstijrd? — 't eabelst fen 'e wrâld
Woe 'k ommers komme litte!”

„Mar vrouwe, is 't koarn den 't eabelst net
En 't segenrykst fen d' ierde?””
„Gjin tsjinpraet, 'k seach it noait noch sa
'k Wol d' alderealste paerlen ha', —
Ho doar jy söks my biede!

„Fen kant dy boel, smyt wei yn sé!
 Ik mei 't net sjen foar d' eagen;
 En jo binn nédich hwet tobek,
 Hwa hâldt my hjir sa for de gek!
 Kom jow it oan 'e weagen!”

„Mar vrouwe, moat dit nôt yn sé?
 Det doar ik dôchs net weagje!
 Dy God, troch Hwa 't Hielal bistiet
 Dy 't kostlik koarn ús waechje lit
 Mocht ús der swier om pleagje.””

„Gjin tsjinpraet mear, gjin fromme praet,
 Mar gau hwet avansearje!””
 „'t Scil barre vrouwe, mar bitink
 Jou rykdom sels kin yn in wink,
 As God it wol, passearje.””

De rike vrouwe laket lûd —:
 „Scoe oait myn rykdom sline?
 Leau det mar net, fêst scil 't wol oars
 Jo komme foar jins wize noas,
 Dêr scil ik net oer kwine!””

Hja nimt hjar gouden ring en smyt
 Him yn 'e djippe dobbe:
 „'k Sjuch noait dy ring wer en sa min
 Stiet ek de kans det 'k earem kin,
 Al haw jy my biskrobbe!””

De vrouwe trapet greatsk nei hûs,
 't Paleis mei goud oerditsen;

't Wie rounom weelde hwet der blonk,
 't Wie oeral wille hwet der wonk
 Fen lêst noch soarch oertritsen.

En hûndert boaden op hjar wink
 De hege frô bitsjinnen,
 It beste hie hj' aloan for kar,
 De stêdsljue achtenearden hjar
 En nei hjar winsken dienen.

En yn hjar eagen laei in gloed
 Fen greatskens boppe mijtte:
 Hjir by myn swide skatten bin
 Ik feilich, hjir bin 'k keningin,
 Scoe 'k oait fen earmoed witte?

Dy stege skipper! mar ik scil
 Fêst dy skarlún wol fine!
 Ik ha 't noch noait sa ûnderfoun,
 Hy krygt nog hjoed-de-dei healjoun,
 Den kin er suchtsje en grine!

En oer hjar troanje striek de gloed
 Fen nettele heechmoedens;
 Wé him, dy 't tsjinwar ûndernaem,
 Dwêrs tsjin de tried de vrouwe kaem
 Dêr mei gyng 't net yn goedens.

* * *

„O vrouwe, sjuch hjir hwet ik fyn!””
 Lit hjar in tsjinstfaem witte,

„Ik snie dy fisk en sjedêr,
Ik ha 't sa noait bilibbe hjer! —
Dêr blonk me in ring tomjritte.”

De vrouwe skrillet, det 's de ring
Troc'h hjar yn 't wetter smiten, . . .
Komt nou den 't lijen for hjar oan? —
Hja rokt de faem him út 'e hân,
Bigint fen eangst to kriten.

En 't wird fen d' eable skipper giet
Troc'h ieren hjar en sinen:
Mar vrouwe ho skatryk jo binn'
Fêst, det ek jo wol earem kinn',
God wit jo wol to finen.

Mar gysten sprekt in oare stim:
Kom, 't scil sa hird net rinne!
Dit treft nou sa, net oars d'r om sjen,
Der is noch neat, gjin duit forlern,
Dêr is 't ek fier fendinne.

En opstân fonklet yn hjar each:
Ik scil der net oer stinne,
My earm to meitsjen, my dy 't skat
By skat bisit, biteikent hwet
God sels scil det net kinne!

* * *

„O vrouwe slimme tynge haw
Ik ta myn leid fornommen,”

— De boade stiet alhiel ûntdien, —
„O al Jins skippen binn' forgien!
Der is net ien ûntkommen!”

Wyld brûsket d' opstan yn hjar hert:
Soa God, scil Jo it winne?
Mar ryk, ja skatryk bliuw ik dôch,
'k Ha hjer myn hûs en gloarje noch,
Dy scil my net ûntrinne.

* * *

De stoarmwyn bilet, beart en skoert
En rokt mei woeste fleagen;
Al heger, heger riizt de sé,
En ider jammert skrik en wé
By 't brûskjen fen de weagen.

En wylder, wylder gûlt de sé
En boldert oer de strânnen
Slacht peallen, warrings, diken wei
Slipt beammen, hûzen, alles mei
En weaget oer 'e lânnen.

En do 't dy oare moarntiids wer
De sinnenstrielen blonken
Do hie de sé syn opdracht dien
Do wie âld-Starums stêd forgien
En al syn pracht forsonken.

Do stie dêr op in hichte in vrou
Dy 't woest de fûsten rôlle:

„O God, Jo haw it woun, ik bin
Sa earm as ien der wêze kin,
Mar noait scil 'k foar Jo fâlle.”

En sont dy tiid forkwoun it minsk
Fen fjûrge hertepine,
Yn 't nearste sear forkwoun hjar lea,
En biddl'jend om in stikje brea
Moast hja hjar útein fine.

It Soenhús.

In skiednis út 'e 13e ieuw.

Twisken Mitselwier en Moarre kin
men it sté noch fine, der 't Ropta stinse
stie, wylst net fier fen Eanjum óf it
Soenlan leit, dêr eren it Soenhús op
stien hat.

Roptas soan, dy feint út tûzen
Foel, troch Joekes swird forslein,
En de heit hat rêt noch dûr:
„t Scil dy slim opbrekke en sûr
Brochst myn soan oan 't libbensein !

„Wraek, Helbada ! oer myn Doaitzen
Hwêrom moast er dea, myn bern ?
O dû stiekst my djip yn 't hert !
Rêste fyn 'k op ierde net,
'k Wol dyn bloed ek sypljen sjen !

„Wrake oan Joeke fen Helbada,
Dy forgriemer fen myn lok !
Toarrens oer dyn moardnershân,
De wansegen oer dyn lân,
Oer dyn hûs in ivge flok !

„Pryster praet net oer forjefnis
Hwent de wrake is oan de Hear,
Hy, dy 't my yn 't herte stiek
Dy 't myn eable stamme briek
Sloech my al to slim en sear !”

Sont dy tiid wie 't skeel en fuchtsjen
En de kriichsflam lôge yn 't roun,
Joeke hâldé 't folk yn 't spier,
Jage, glûpte let en ier
Roavjend oer Worp Roptas groun.

Ropta baernt fen spyt en woede
Joeke is him to los, to glêd
Ho 't Worp siket him to slaen
Joeke scil gjin tiid him jaen
Komt, nimt wei, fordwynt wer rêd.

Beider poarten bleaunen sletten
Ek for alle nocth en tier
En der wille sinneskyn
Kaem de stinsen net mear yn
Freugde wykte wit-ho-fier.

By âld-Hegebeintums hichte
Kaem it ta in f'leindich slaen ;

Joekes folk is toalvesum
Worp, — mar hwet jowt Worp dêrom! —
Is mei twa man op in baen.

Swirden klettrje, lânsen brekke,
't Gêrs is rea fen sypljend bloed,
Gleone fonken spatte ût 't skyld
D'eagen fonklje, rôlje wyld
Fen in gleone, groubre moed.

Helt by helt siigt del oer d' ierde,
Lykwols Worp hâldt ien ta doel,
Balt: „dû moardner fen myn soan,
Nou ef noait, dû gietst der oan!“
En, . . . 't wie rekke — Joeke foel!

Worp hat 't woun, al waerd er woune ek:
„Einlings, skevel, ha 'k dy foun!
Oer myn blieden ha 'k gjin noed
Wrake dych ik oer myn bloed,
'k Haw dy, hwet dy takarem, jown.“

Joeke fen Helbadas soannen
Swarre aan Worp in sûre dea,
En de woeste krychsmanshân
Jaget skrik en rou oer 't lân,
Bringt de hûsman leed en kwea.

* * *

Kreas wie Riemke, Roptas dochter
Kein allyk in maitiidsblom,

't Roaske, bloeijend as de dage
Dy 't oan folle ridders hage
Wie fen 't gea de pronk, de rom.

Yn hjar eagen blonk in wille
Fen gjiin rouwe ef leed forset,
Rounens blonk der op hjar wangkjes
Sounens klonk der yn hjar sangkjens
Sounens fen in fleurich hert.

Fleurich sprong hja troch it libben,
Ljuente in boartlik minneliet,
Mer hja sette herte en sinnen
Net op feinten, net nei minnen:
't Jowt, sei 't fanke, licht fortriet.

Ho 't forskate jonge ridders
Fregen om hjar herte en hân,
't Mocht net einje, 't koe net bate,
Riemke liet de feintsjes prate
Nimmen kryg' hjar oan 'e bân.

Mar sont Worp op wraek bitocht wie
Hie hja alle nocth forlern,
Op de stins, nou lange tiden
Wie 't oars neat as fjuchtsjen, striden,
Neat nei 't hert fen 't mûtel bern.

Eren kamen folle ridders
Roptas poarten longrjend yn,
Om by Riemke in tel so sitten, —

Nou hie 't slot de freugd forlitten:
Tweintich moannen wie 't nou lyn;

Tweintich moannen al forroannen
Sont Helbadas stûfe dea.
't Wie in tiid fen leed en pleagen
Ider stie de dea foar eagen
Nacht en dei brocht únk en kwea.

* * *

Oer de fjilden dreau de maitiid
't Pinksterblomke blierke yn 't roun,
En de griene greiden pronken,
En de abeeljeblêdden blonken
En de nocht groeide út 'e groun.

Riemke wandle troch de fjilden
Sûnder nei hjar toai to sjen,
Hwent op fanke dimmen wêzen
Wie in wird fen leed to lêzen
En hja hie hjar glâns forlern.

Yn in lyts earmoedich klûske
Tichte by it Noardséstran
Wenne in widdow, hiel forlitten,
Riem kaem faekris by hjar sitten
Goeddwaend hjar mei 'n mylde hân.

Nou ek teach hja nei it wentsje, . . .
Mar hwa komt der gysten oan?
't Is in feint fen edel bloede

t Foarwerp fen hjar heite woede
't Is Helbadas âldste soan.

„Ha gjin noed, dû krease!” sprekt er,
'k Longrje noait nei frouljuesbloed!
Dy oerkomt hjir leed noch smerte.”
En it trillet yn syn herte
Yn syn each leit wûndre gloed.

„Kom dû hjir sa faek ast' woste
Wêze Froukje yn 't leed ta freugd,
Wé de man, dy 't kwea dy dwaen doar
Dy syn hân oan Riemke slaen doar:
'k Priizje yn 's fijans bern de deugd.”

Tankjend glinstrje Riemkes eagen:
't Is in helt, dy 't foar hjar stiet
Mar dy 't oer syn heltewêzen
Waerme sêftens jowt to lêzen
Dy 't hjar to biloaitsjen wit.

't Rea lûkt oer hjar bleke wangen
't Rea det ynlik lok forret;
Ho 't hjar tinzen bûnzjend weagen!
En fordwoun er út hjar eagen
Ut hjar hert fordwoun er net.

Faken wandle 't proezich fanke
Sont dy tiid nei d' âlde klûs
Yn 'e hope him to finen
Dy 't hjar sinnen wist to binen
En . . . hjar lok foun s' yn det hûs,

Fakentiden det Helbada
 Yn 't onsjûgge hutsje kaem
 Om de wrâld dêr to forjitten,
 Om sa nochlik dêr to sitten
 Oan 'e side fen syn faem.

Fiers to ringen fleach de tiid om
 Dy 't sa 'n wiere wille brocht,
 Suvre nocht yn reine minne ;
 Oer hjar hollen skynde yn sinne
 Yn hjar herten gloeide in Ijocht.

Oer gjin fijan stûn't Helbada,
 Om gjin wrase tinct er mear
 Sit er oan syns ljeafsten side,
 En it fanke lokkich, blide
 Mient it him sa ynlik tear.

* * *

Sa forronnen dagen, wiken
 Rêdder den it pearke tocht, —
 Oer de kolken skynt it sintsje
 En it ierdryk bloeit yn 't Ijocht.

Sjûk Helbada op syn hynsder
 Tsjucht nei 't neazich wentsje ta,
 Dêr, dêr wachtet him syn fanke
 't Jublet yn syn herte sa !

Ropta op syn stinse kladdre
 Wirdt opslach de feint gewaer,

En hy tinct syn dierbre dochter
 Yn it alderslimst gefaer.

Rimpen flucht er nei syn wapens
 Gysten grypt er lâns en swird
 Op syn hynsder, fluch as wetter
 Draeft er woedend nei de hut.

Mar hwet docht him dêr sa skriljen ?
 Hy fortrot syn eagen net !
 By'noar sitte dêr dy beiden,
 En det stekt him yn syn hert.

„Worp, ho stiet it, striid ef frede ?”
 Freget dêr Helbada him,
 Hy springt ta, forgriemend, razend ;
 Boldert mei in hease stim :

„'k Ha dy foun nou, dû scilst stjerre,
 Dû myn fijan, gietst der oan !
 Scoest myn dochter koarts forliede ?
 Wrase om hjar en om myn soan !

„'k Scil dy . . .” mar de jonkfrou snokkret :
 „„Heit bikom dôchs, ear to let
 Heit ús beiden noch biklaget, —
 Wêz dôchs wizer, doch it net !””

„Fanke, hwet miskeart dy, hat er
 Dy bitypie alhielendal ?””
 „„Haw him ljeaf heit, h' is myn alles !””
 Riemke stiet dêr, glêd oeral. —

Hwet scil Worp dwaen? mei ien swirdfeech
 Sjûk hjir tsjin 'e groun oan slaen? . . .
 Mar dy trien yn Riem hjar eagen
 Freget him it net to dwaen.

Riemke sjucht him yn bistân stean:
 „Lijen is der al genôch,
 Lit jim mei elkoar forsoenje,
 Partsje it wier yn frede dôch.”

Ek Helbada komt nou neijer:
 „Lit it frede wêze yn 't lân,
 Litte wy as frjeonen libje
 Hjir Worp Ropta, hjir 's myn hân!

Ropta stiet dêr yn bitinken,
 't Jowt ynwindich slimme striid,
 Einlings sprekt er: dêr, ús skeel en
 Deilisskip is út 'e tiid.”

* * *

It is feest op Ropta stinse
 't Giet der danich drok oan wei,
 En gjin wûnder: Sjûk en Riemke
 Boaskje op dizze blide dei.

Sang en klang rûst troch de seale
 Froalik giet de tsjilk yn 't roun.
 Ider bidt des Hearen seine ôf
 For 't jong pear yn 't trouforboun.

Ider geit it út fen wille,
 Nou is oan 'e mûrre 't stiel,
 Striid en lijken is forgotten
 It is frede yn Dongerdie.

Riemke lyk in blanke blomme
 Sjucht hjar ridder glimkjend oan,
 Ljochtglangs glinstert yn syn eagen
 Yn syn herte is 't wûndre skoan.

Sont bleau 't frede, en d' earme widdow
 Yn hjar hut forgeat men net,
 For hjar waerd op 't âlde sté in
 Krease nije wente set.

Sont hat dêr it „Soenhús” wêzen,
 Heilich bliuwt det lapke groun
 Om it hjir yn earder ieuwen
 Plechtich sletten fréforboun.

Heiteljeafde en manneneare.

1428.

Ta rjucht bigryp fen dit stik moat foarôf
sein wirde, det Piter, Age heit, earst by de
party fen 'e Fetkeapers oansletten wie, en
letter, nei 't men oannimme mei, him ta
pryster wije litten hat.

Foar 't alter sinkt de Godsman del,
Syn bea kliuwt nei omheech:
Untferming, greate Himmelhear!
En bring ús út it leech!

„Jo hawwe reden ús to slaen:
Wy hawwe swier misdien,
Wy binne mei ús boargerskeel
't Spoar fier to bûten gien.

„Wy moasten broerren wêze, mar
De wrake swolde yn 't hert,
Wy gunden aan elkoarren sels
It Ijocht yn d' eagen net.

„Sels den, as 't swird to ruskjen lei,
Foar each men frede hie,
Baernde ûnd'r 'e yeske in grimegloed
Dy 't net to dwêsten wie.

„Wy hien' 't fortsjinne do 't de sé
Oerspielde ús lân en sân,
Wy hien' 't fortsjinne al dreau de sé
Oer 't hiele heitelân!

„Ho faken hat oerdwealsk it folk
Him nei 't forkearde jown;
Almachtge, driuw de twadracht wei
Bring rête oer Fryslâns groun.

„Doch Heare, doch ús net nei 't rjucht
Genade freegje wy
Fordylgje ús net alhielendal
Mar stean Jins tsjinders by.

Us folk hat him, sa hijt, forsoend
Biwarje ús by de fré!
Bihoedzje ús for it weachgebrûs
For boargerstriid en wé.”

Sa kloppet 's Hearen tsjinstfeint oan
Yn ynlik tear gebet,
En sêfte koelte twierket myld
Him yn 't tonetle hert.

Mar hèn, hwet stoarmt mei woest gewelt
Op Wykels Godshûs ta?
Hwa skeint hjir dryst it heilich hiem
En flokt en beart hjir sa?

„Meits oan!” balt Douwe Minnema
„Untkomme moat er net!”
De pryster skrillet, 't Godsgebou
Is mei 't wyld folk biset.

„Hwetmoatjimhjir?” — syn drystensriistwer
Mei 't hy de wirden seit,

„Hwet moat jim mei in pryster, dy 't
Gjin strie oerdwars jim leit?

„Hwet dogge jimme yn 't heilich hûs,
Baernt jim de groun hjir net?
Byn yn jim woede ef 't snijt as flym
Jim altyd yn jimm' hert.””

„Sa sit it net!” flokt Minnema,
„Fetkeaper dystû bist
Dû scilst der oan, 'k fortel it dy
Dest' my nou net úntgiest!””

„Hâld thús jimm hânnen fen myn kleed
Yn namme fen myn God!””
Mar d' oerste spot, en 't krychsfolk jowt
Om God noch Syn gebod.

Hja sleepje him de doarren út,
Né gjin genade mei
Sa'n pryster, hjar tsjinstânners frjeon, —
En 't bloed stroamt oer 'e wei.

De martler gûlt fen pine it út,
Dêr 't hy 't net drage kin,
„Hâlde op,”” sa smeekt er, „ef stjit ta
As jim noch minsken binn.””

't Giet mei de tsjoede moardnersbint
Op Sondels bûrren oan,
Dêr stiet de stins, sa wiid forneamd,
Fen Age, Piters soan.

„Oan my de stins!” gûlt Minnema
„Den lit ik dy wer frij!
'k Scil, seistû Age 't oan, ho 'k wol,
Him 't libben sparje èn dy!

Sjoch, Age stiet al op 'e wâl
Hy hâldt syn mannen klear,
Mar jowt hy my syn stins net oer
Den hat gjin heit hy mear!

„Hjir Age, sjuchst wol, hwa 't dit is?
Kom ringen út dyn gat,
Gjin dea for jim, allinnich lit
My Hear wêze op dyn slot!””

Ho scil hjir d' eable soan mei oan? . . .
Hy hâldt sa fen syn heit,
Mar 't slot jaen giet him ek to bot
Syn eare ek heech him leit.

Mar dôchs . . . it scil . . . it griist him oan, . . .
't Bloed fen syn grize heit, . . .
Mar Piter stekt de holle omheech
Towylst er moedich seit:

„Né Age, jow dyn stins net oer,
Doch wier it net om my,
Hâld faesje, striid mei mannemoed,
Myn segen is oer dy!

„My winkt in heger kroan, — hwet 's t hjir
Mei myn tokniesde lea! . . .””

„Nou stjer den!” graut him Dou ta
En stekt de martler dea.

En Age, — stie 'r niis-krektsa ré
't Slot om syn heit to jaen, —
Him siedt it bloed, hy fielt it hert
Him tsjin de kiel aan slaen.

„Op mannen!” ropt er, „wrase oer heit
Dêr foar myn eagen stoarn;
Né Douwe, wykje nou mar net,
Dû leffert, scilst' der oan!”

En 't jowt for Douwe net in spier
Al draeft er rêd dêrwei
Mei siedend bloed, mei 'n flikkrjend each
Stout Age 'im efternei.

De binde strûst sleat út sleat yn
Oer poel en troch struwel
Mar Age wint him yn en slacht
Syns heitne moardner del.

En dienen ek yn letter tiid
De Minnema's gewelt
Op Age stins, hy joech gjin krimp
Oerwinder bleau de helt.

Sjoerd Beyma.

Yn 'e tsjustre tichthúshoale,
Teiken fen des Hartochs twang,
Tsjûge fen wreddiedich martljen, —
Klinkt in ûnbiskromme sang;
Lit it der bihyplik foarstean,
Kwynt de helt yn tsjuster wei,
Frij en rom is syn gewisse
't Is ynwindich Ijochtskyndei.

Lit de foarsten listen smeije,
Grousum swarre: dea scil hy!
Hy, dy 't sterker is dan Alva
Stiet Syn feint yn 't lijen by.
En hwet langer as hy psalmet
Nammsto rommer is 't yn 't hert;
Jezus bliuwt Syn tsjinstfeints helpe
Sokken né forjit er net.

By de finzne komt de pryster,
Ynlik-droaf sjucht Herema:
„Beyma, 'k moat hwet moeiliks sizze,
't Swird komt gysten op jo ta;
't Founis foel, — mar o, bikear jo,
't Kin noch, 't is noch net to let;
Jow dy tsjerke, dy 't jo hunen
As geloavich soan wer 't hert.

„Wol jou sünden my bikenne
Wol fen skuld bilydnis dwaen,

Yn 'e namme fen Maria
 Meije wy jou 't kwea forjaen."
 Beyma sjucht him rjucht yn 'e eagen:
 „„Gjin Maria, bêste frjeon!
 'k Brocht myn sünden by de krúspeal
 En hja binne as reek fordreaun.””

„Né Sjoerd Beyma! 't kin net misse
 Det jou hert op sângroun bout:
 Jy forsmite oerdwealsk de tsjerke
 Dy 't alinne kwea forjowt!””
 „„Scoe dy tsjerke op 't goepaed wêze
 Dy 't Gods trouwe tsjinders flokt?
 Us mei moart en brân forfolget
 't Ljeafste ús út ús earmen rokt?

't Godswird lit sa dûdlik hearre:
 Ljeafde is 't greatst en 't heechst gebot,
 Bring, dy 't faeije dwylpaed nimme
 Ek mei ljeafde wer ta God!
 Jezus liet Him willich fange
 For Syn moardners kleau syn bea,
 Mar dy 't nei jimm lear' net dogge
 Jow jim oan in slimme dea.””

„Beyma, akslje my net tsjin dôchs,
 Ringen is jins tiid forroun;
 Wirdt net troch de Paus fen Rome op
 Petrus stoel it kwea forjown?
 O it moeit my jo to sjen hjir
 Yn dit near-bedompte gat,

Yetris frjeon, bilyd jou sünden,
 Det is d' útkomst yn jou lot.””

„„'k Ha myn sünden God biliden,
 Jezus hat myn kwea forjown;
 'k Wit alinne fen genade
 'k Wit it op in fêste groun.
 Scoe ik Psalmen sjonge kinne
 Stie myn Heilan my net by?
 Hy, Dy 't mear den Paus en Foarst is
 Stipelearet ginstryk my.””

„Meitsje Jo neat wys, Sjoerd Beyma!
 Petrus hat en hâldt de kaei
 Om it himmelryk ús t' iepnjen;
 Mar dit steech en bluistrich skaei
 Wol fen Petrus net mear witte
 Fen syn Stedehâlder net, —
 O ik bidde Jo: bikear jo
 't Swird komt oan, 't is gau to let!””

„„Lit it swird myn holle kliuwe,
 'k Haw al komt de dea gjin noed,
 Lit dy 't hjar Gods tsjinders neame
 Hjar formeitsje mei myn bloed!
 'k Wit fen Him, Dy 't my de hope
 Plante yn 't nei Him útgeand hert,
 'k Smeitsje al sillige eagenblikken,
 'k Wit, myn Hear bijowt my net!

„„'k Wit fen Jezus en 'e Himmel,
 Ik gean nei myn Heilân ta,

'k Wit hwet 'k leau, en Hwa 't my ljeaf hat,
 'k Wit hwet 'k oan myn Master ha.
 Né, Hy scil my net forlitte
 Mei 'k hjir 't slimst' tomiette gean ;
 Hy scil op it wreed skavot sels
 Stypjend me oan myn side stean.

„Koenen jo det selde leauwe
 O det dych myn herte goed,
 D'r is forlossing, heil en rēdding
 Frede en rēst yn Jezus bloed,
 Gjin Maria kin jo helpe
 En gjin Heilge sprekt jo vrij,
 Sels gjin Ingel jowt forsoening
 Ef stiet yn 'e dea yen by.

„Jinne bouwe op goede wirken :
 Minsknewirken sline wei,
 Mei jimm bylden, mei jim wierook
 Komme jim de Hear to nei.
 Frede troch it bloed des Kruses,
 En dy fredē is ryk myn diel,
 't Is for my foldien oan 't skāndhout
 Yn Gods hānnen jow 'k myn siel.””

Herema stie djip biskamme ;
 't Wie yn Beymas each to sjen :
 Ja dy wiste hwet er leaude,
 Sa'n-en-iен, gyng dy forlern ?
 En foar 't earst fen al syn dagen
 Kaem de twivel op him ta :
 Scoe de tsjerke, dy 't ik tsjinsje
 't Werklik wol by 't rjuchte ein ha' ?

Nuver oandien gyng er hinne,
 Wied er mar dy warden kwyt !
 Mar ho 't hy himsels forsette
 Al syn aksjen joech gjin byt ;
 't Byld fen Beyma bleau mar boppe

Mei det himmelljocht yn 't each :
 Wie 't net eft dy finzne ketter
 Al de himmel iepen seach ?

O dy wündre fēstens, dregens,
 't Great gelove fen dy man !
 Stie 'k sa fēst ek as in mūrre
 't Wie my folle better den ! —
 En yn letter tiden tsjūgde er :
 Wunder kaem Gods Wird my by,
 Beyma moast op oare paden,
 Mar dy helt bikearde my !

* * *

Driigjend stiet op Brussels markplein
 Yn 't formids in heech skavot,
 Achttjin edelen fen namme
 Wachtet hjir in yslik lot.
 Hen, dēr yn it tichthūspakje
 Rūpsk, forsútre komme hja ;
 't Is net gund ta 't folk to sprekken :
 Trommen boldrje en beare sa !

Liz nou del jins eable holle,
 Frijheitshelt, yn 't leauwen dreech !
 — En de gleone bile flikkret

En it bloed spuit wit-ho-heech !
 Mar det bloed spriedt wündre segen
 't Bloed is for Gods tsjerke it sied. —
 Heech omhegens stiigt de siele
 Sjongt it ivich himmeliet.

Op 'e Hocht.

(In wier teltsje.)

't Wie yn de tiid fen 't Frânsk bistjûr,
 De tiid fen earmoedlijen,
 Hwent alles wie sa piperdjur;
 For ljue mei jild wie 't sels in toer
 Om hjar biderf to krijen.

It wie de tiid det hwet oan goed
 En jild de minsken hienen
 Hja bergje moasten fol fen noed :
 't Frânsk krychsfolk nei ús hiem ta stjûrd
 Sloech mear as mâl nei binnen.

En hien' hja dêr hjar part oan hawn !
 Mar mear waerd ús ûtnommen
 Hja fierden, sels nei 't Suderstrân
 De hope en takomst fen ús lân
 Om noait werom to kommen.

't Wie yn dy tiid, sa near sa njûr
 Det ûnder Wierum wenne

Dêr op 'e Hocht in rike boer
 Mei wiif en soan, hjar kante Broer
 Allinne út 't houlik berne.

Mar wie 't in tiid fen leed en noed
 Boer Bauke koe 't wol stelle
 Hy boerke for dy tiid moai goed
 De Frânskman, — Bauke hâlde im froed
 Hie him net folle ûnthelle.

Boer Bauke wie yn ien wird ryk,
 Mar liet det f'ral net skine,
 Hie dêrym just gjin üngelyk
 Hwent mirk de Frânskman earne blyk
 Den koed er 't jild wol fine.

Mar d' âlde hie ien greaten brek :
 Hy libbe for syn skatten,
 In heap jild wie syn heechst bistek
 't Waerd by de dei lâns slimmer ek
 De man hong gear fen potten.

Sa wie 't in libben dei oan dei
 Earmoedich en fol lij'en,
 Dêr waerd glêd foar gjin oartsen wei,
 't Oaneine moast noch tiden mei
 Om rekkens f'ral to mijén.

Him wie yn 't boask fen tritich jier,
 Sa 'k sei, in soan ek skonken
 Dy like d' âlde glêd gjin spier,
 De jonge hâlde fen fortier
 Siet net oan 't jild biklonken.

Hy hâlde om raek fen wille en noct,
 Koe dei en nacht wol sjonge,
 Hy wie de freugde fen de Hocht,
 Gjinien dy 't him net lije mocht,
 Dy golle roune jonge.

Sa gyng it libben for dy ljue
 Der noch al freedsum hinne.
 Mar hommels kaem hwet op, det rjue
 De wille delsloech, en de njue
 Fleach wit-ho-fier fendinne.

„t Wirdt lotsjen!“ gûnze troch it gea,
 Men moast der fen bisouwe!
 Det wirdt sa mannge frisse lea
 Op 't slachfjild ta in wisse dea,
 En fallen djippe rouwe.

Broer hie 't hjir just net mei to dwaen:
 Hy hie fen mem fornommen,
 For him scoe noait de krychstrom slaen,
 Der scoe, al scoen se skatten jaen
 In nûmerwijsler komme.

Mar Bauke suchte, — hy seach skoan:
 Broer vrij, det waerd in wûnder!
 Der wie de greatste smeet op oan,
 Den gyng 't om 't jild ef om 'e soan,
 Hwêr woed er 't ljeafst nou sûnder?

De dei briek oan, Broer stoep op reis
 Om lok ef ûnk to lûken,

En heite frees fen nachts en deis
 Kaem nei, de soan loek nûmer seis,
 Hwet stie de boer forbûke!

‘t Waerd Woansdei : ‘t blierkjend sintsje seach
 Mar pas wer del op 'e ierde
 Do 't Baukeboer nei Dokkum teach;
 Hy hie for fjild noch fruchten each,
 Syn brânkast moast nou bliede.

Mar earlik sein, hy wist noch net
 Ho him hjir út to winen,
 Syn wiif hie 't sin op 't wiksljen set
 Mar scoe det wêze, al ef net? . . .
 Der siet er oer to grinen.

Hwet koe de boer dy dûbble noed
 Dôchs ûngemaklik pleagje!
 In nûmerwijsler for syn goed
 Gyng dôchs to bot! en hird to moed,
 Hy scoe syn soan d'r oan weagje.

Do 't hy de jouns om 'n ûre ef tsien
 De keamer binnen klosse
 Wie 't earste: „Bauke, ho is 't gien?
 Binn' we út 'e pine, wol der ien
 Wol mei ús jonge rosse?“

„Né!“ waerd do hjar as antwird jown
 „'k Ha 't stêdtsje ôfflein en jage,
 'k Roan Dokkum wit-ho-faek yn 't roun
 Oeral ha 'k socht, 'k haw nimmen foun
 Al woe 'k tsjin goud him wage.“

Der út wie den it hege wird :
 't Gyng mem en soan troch 't herte,
 't Stiek slimmer as it flymjendst swird,
 Hwet wie dy tynge ôfgryslik hird ;
 Hja krompen gear fen smerte.

En do 't de skiedingsûre sloech
 Dreau mem hast wei yn triennen,
 Mar Bauke sei : „net al t' ûnfoech“!
 Kâld wie de hân, dy 't hy Broer joech
 Kâld wie de man fen binnen.

Fordwoun wie sont dêr alle nocht ;
 De mem rekke oan it kwinen,
 Aloan seach hja him om 'e bocht
 Op 't beste hynsder fen 'e Hocht
 Yn 't mistich waer fordwinen.

—o—

't Is twa jier letter ; op in joun
 Stie 't hynsder foar de doarren,
 En mem sonk kjel as troch de groun :
 Nou wie de hope alhiel fordwoun,
 De hope allang oan 't tarren.

Sont èk wie Bauke nocht bidoarn,
 Hy koe 't net fen him stijtte,
 Broers hynsder klage 'im jimmer oan
 Syn wrijnsjgen sei : dû hest dyn soan
 Ynwreed omkomme litten !

Op 't wive úttarde troanje stie
 For him ek klear to lêzen :
 Hiestû for Broer west hwet ik wie,
 Us soan, ús golle jonge hie
 By ús, yn 't libben wêzen.

Hja kwynden allebeide wei
 Fen leed en smert fordôve,
 Noait kaem der wer ien fleurge dei ;
 De minsken droegen foart-der-nei
 To Wierum hjar to hôve.

Nin hûs, nin beamke wiist yen 't sté
 Hwer 't ienmul Bauke wenne
 Mar hjerstmis skrillet hjir it fé,
 En troch de reiden rûzt it wé
 Oer Broer de slim forlerne.

Yn 't fiere lân.
(In wier teltsje).

„Nou Bouwe ! 't moat mar wêze,
 Al stekt it me yn myn hert,
 Ik wit der oars nin smeet op,
 Sa kin 't ek langer net,
 't Is klearebare lijen
 Nou tiden al oanien,
 Dy jonge wol net doge,
 'k Haw d'r alles nou oan dien.

„Hwet hie 'k op him myn hope,
 En nou biteart it sa;
 Hij koe as ik it opjoech
 't Hjir sa útnemend ha'!
 In neil is 't oan myn kiste:
 Ruerd nei Amerika!
 Mar 'k smeek dy Bouwe, sjuch der
 Goed op myn jonge ta.

„Missjin komt hy mei jierren
 As better minsk werom
 O mocht ik det bilibje
 Den wie myn stjernen rom.”
 Boer Oege, — ho 't him netle
 Sa 't Ruerd him trape hie!
 Hy klampe yn al syn lijen
 Him fêst noch oan in strie.

Sa teagen Ruerd en Bouwe
 Op 't fiere Westen oan;
 Mar Oege hie foar 't lêst sjoen
 Syn trochbidoarne soan,
 De feint syn earste boattocht
 Wie ek de lêste reis
 Hy rekke tel to lizzen
 En stoar noch ûnderweis.

* * *

To New-York dangelt Bouwe
 De lange strjitten lâns,
 Wer is dôchs wirk to finen?

Al lytser wirdt de kåns;
 En moedleas mimert de earmen:
 Ik sit heislik yn 'e brân
 Hjir stean ik lykme allinne,
 Allinne yn 't frjemde lân.

Mei fiif en tweintich stûren
 Stoep lêsten 'k op 'e wâl,
 Dy binne al moai biklonken,
 Ho nou ? it liket mâl !
 Ho koe kaptein sa hânle ?
 Hwerom âl 't goed en sa,
 't My tasein diel to stjûren
 Ek nei Europa ta ?

Mar Bouwe scil him redde,
 Al stied er earst forslein :
 Safier syn foetten 't kinne
 Rint hy 't lân yn, in ein ;
 Hy rint, mar einlings jowt er,
 It wirch en hûngreich oer,
 Hy kin foar trije moanne
 Plak krije by in boer.

In moanne-mannich letter
 Forkeart er yn in stêd ;
 Dêr fâlt sa'n heap t' oanskôgjen
 Hy wirdt al 't nijs net sêd.
 Mar noait kin hy ris sizze
 Hwet omgiet yn syn hert
 Hy hie nou aerrich duiten
 Mar frjeonen foun er net.

Dêr sjucht er, op in jountiid
 In earm jongfrouminsk gean,
 len dy 't it net to breed hat
 Det 's dûdlik oan hjar klean,
 — Det 's in Friezinne! — tinkt er,
 Dêr moat er mear fen ha'
 Yn 't Frysk seit hy „goe'n jouw!“ hjar
 „Fen 't selde?“ klonk him ta.

En d' oare joune binne
 Dy twa wer op in paed;
 Nou kin den Bouwe him útrje;
 Smûk klinkt hjar noflik praet:
 Hja hawe 't oer hjar skiednis
 Oer 't fiere heitelân,
 Oer 't leed ek, hwent ellinde
 Haw s' allebeide hawn.

Hy iepent hjar syn herte
 Oer hwet er únderfoun:
 Ho faken stie 'k wanhopich
 Hjir op 'e frjemde groun!
 En sy sei: 't leed yn Fryslân
 Dreau ús nei 't fiere lân,
 Mar foart-der-nei binn' hastich
 Myn âlders beide stoarn.

Sa stie ik hjir allinnich
 En iensum op 'e wrâld,
 'k Wist net, op hwa ik oan koe
 En nearne foun ik hâld.
 My woenen snoade minsken

Graech yn 'e sûnde ha'
 Mar dêr, ho 't leed ek netle
 Forfoel ik dôchs net ta.

'k Laei twaris op 'e raljes
 'k Forlange nei de dea,
 Mar beide kearen waerd ik
 Biwarre for det kwea.
 En do 't jo okkerlêsten
 't Goe'njoun my winsken, wie
 'k Op reis my to forsûpen
 Dêr 't slim it mei my stie.

Howol ik hiel wol wiste
 Fen in rjuchtfeardich God
 Ik woe, — it wie sa sûr my! —
 Me úntskoerre oan 't yslik lot.
 Mar God Dy 't om my tochte,
 Biskikte my in frjeon
 Yn jo, jo haw myn soargen
 Myn noed en leed fordreaun.

It dûrre nou net lang mear
 Ef Bouwe hie in hâld
 Him jimmer oan 'e side,
 In bystân yn 'e wrâld.
 Hy joech tel yn Chicago
 It near fabrykwirk oer
 Hy teach in ein it lân yn
 En waerd in wolsteld boer.

It moat weage wirde.

Reino siet to hoassokstopjen,
 Mar wie wol hjar hert by 't wirk?
 Hwêrom kipe hja troch 't finster
 Nei it mounlersfeintsje Durk?
 Hwêrom hupple hjar it herte
 Hwêrom glinstre 't ljochtblauwe each?
 Wie it den sa hwet bysünders
 Det sy oan dy moalwein seach?

„Reino,” pleage sister Froukje,
 „Hast wol snoen, myn bêste faem
 Ho dy mounlersfeint dit út seach?
 Hwêrom krigest nou sa'n kaem?
 Mar ik doar dy wol fortelle
 Ear 't dy feint dy freagje doar
 Kinst forskate sokken stopje
 Der ken 'k bleaë Durk wol foar.”

„Och, hwet praetst fen 't mounlersfeintsje? ”
 Lake Reino, „'k ha 't sa net,
 'k Tink dû haste sels dyn sinnen
 Op dy kante jonge set.
 Och hwet scil Sierk Rynks den treure
 As er dit fen dy fornimit,
 'k Tink det hy hjir noait net werkomt,
 Hastich for in oaren stamt! ”

Op 'e moalwein siet it feintsje
 En hy tocht oan 't mütel bern,

„Scoe hja wier wier fen him hâlde
 En dêrom troch 't finster sjen?
 Mar dy frouljue binn' sa bjuster
 Hjoed den glimkje sy yen ta
 Moarn is 't boerdtse alhiel wer omkeard
 Moatt' se neat mear fen yen ha'.

Hwêrom dogge hja sa wûnder,
 Hwerom boartsje hja sa bryk?
 Dôchs mocht hja *myn faem* ris wirde
 'k Wie de kening den to ryk!”
 Op 'e moalwein sit it feintsje
 Peinset lang oer 't mütel bern
 O sa'n faem ris oan 'e side
 Den wie 't lok net oer to sjen!

Om 'e bûrren kuire 't jongfolk
 Jountiids by it moantsjeljocht;
 As de silvren stjirkes gloerkje
 Wirdt troch d' iene oan d' oare tocht.
 Op 'e rydwei mette Durk hjar
 Bleau by hjar to smoezen stean
 Mar it bern syn doel to sizzen,
 O det woe sa moeilik gean.

Einlings skoerde er hommels al syn
 Moed by'n ien en sei: „myn faem,
 't Is dy fêst wol goed, scoe 'k tinke
 As ik ris to dines kaem?”
 „Dû ris komme? ” glimke Reino
 „Né det moat net oan 'e gong
 Heit seit faken: wy bigjinne
 Mei dy dingen fier to jong! ”

Seach Durk wol ho 't pleagjend fanke 'er
 Neat fen miende hwet sy sei?
 „lenkear moat men doch bigjinne
 Den 's men âlder klear der mei!”
 En hy loek hjar oan syn side
 Boartte mei hjar siden hier;
 Hwêrom laken do de stjirkes
 Yn it blauwe omheech sa blier?

Moantsje, siz, — jy koene sa'n hopen
 Minskeberntsjes sa wol sjen,
 Ha jy hast, it gyng sa lang al
 't Nijs dêroan noch noait forlern? —
 't Waerd dy joune for dy beiden
 Nei hjar sin to ringen let.
 Froukje lûstre Sierk yn 'e earen:
 „Né mar hear, ik ha 't sa net!”

Op 'e moalwein siet wer 't feintsje
 En hy tocht oan 't mûtel bern;
 O hwet mocht er jisterjoune
 Djip yn 't ljochtblauwe each hjar sjen!
 En yn 't ljeavjend herte sei er
 Oan det fanke in ivge trou,
 Reino, oars net ien scoe 't wirde,
 En de himmel blonk sa blau.

Nei de flakte.

Nei de glêdde flakte teach hja,
 't Bliere hertsje dounse sa ;
 Joun scoe 't wêze, ja hja wit net,
 Glimke Lou hjar niis net ta ?
 Op hjar roune wangkes sparkle
 't Inerlike wille-ljocht,
 Ja hja scoe mei Lou joun ride,
 Wis, det hie s' al tiden tocht.

Oer 'e fêrnezne flakte swierje
 Wylst it wintersintsje skynt
 Lit it kåld oer 't iisfjild strike
 O ho 't den de wille tynt!
 En de heldre fammeneachjes
 Flikkerje sa blide en skoan :
 As it joun is, komm' de feintsjes
 Komt de nocth earst dûbeld oan !

't Prûzich sintsje socht wer 't nêst op
 En de loft is djip en klear,
 Heech yn 't blauwe driuwe stijrren
 't Flikkrjend ljocht is nuv're tear.
 't Reade jounljocht struit oer d' iisbaen
 Tûzenfâldich himmelnacht
 „Lou liz op !” en ho scoe 't kinne
 Det it feintsje det net docht!”

Rea wie 't wangkje fen it fanke
 Hwent it frear fûleindich ta,

Yskâlde amme bloes út 't Easten
 Snijend om 'e troanjes sa ;
 Hertswaerme amme fen hjar feintsje
 Striek sa tichte lâns it bern :
 Scoe sa'n fammewangkje den net
 Rea fen kjelt en waermens sjen.”
 Folle jonge pearkes swaeije
 Oer it glêdde spegelwiid,
 Mar hja haw gjin each for d'oaren
 't Is de goudne minnetiid.
 't Feintsje lûstre swiete wirdkes
 Do 't it pear op hûs yn teach,
 Do 't hy hjar sa noflik nei wie
 En sa djip yn de eachjes seach.
 't Alde tsjerkje stie to drôgjen,
 Stiltme oer 't lytse doarpke wie,
 Op 'e stramplige ipren tûken
 Blonk de skjinne wite snie :
 Op 'e rydwei stie it pearke
 En twa herten kloppen sa :
 „Fanke Diuwke, nou in patsje,
 't Komt yen nei it riden ta !
 Moarntojoun scill' wy wer ride
 'k Liz wer op for dy, det 's fêst !”
 Koe hja weegrijend : né feint ! sizze ?
 Is 't net sa, det koe net bêst !
 — Moarntojoune scil 't wer wêze
 Song it yn hjar roeikjend hert,
 En dy ridensnocht forjit ik
 Hiel myn fjirder libben net.

Untrou.

't Silvren moantsje glimket,
 t Frjeonlik stjirke flikkret,
 Suver is it blau,
 't Sigentsje goung lizzen
 Oer de reideplûmen
 Driuwit in wasem dau.

„Fanke !” lûstert Romke,
 „Ljeafste mines biste
 Dy myn siikjend hert
 Ivich trouwe bin 'k dy
 Hwêr ik earne doarmje,
 Dy forjit ik net.

„Yn myn ljeavjend herte,
 Det for Foekje kloppet
 ls dyn bylnis skreaun,
 'k Haw yn dy myn alles
 Mear den 't goud fen 'e ierde
 Oan myn herte treaun.”

En it pearke boartet,
 En hy stêlt in patsje
 Fen hjar roazewang,
 En hja leit hjar holke
 Tsjin him oan en sjucht him
 Yn syn eagen, lang.

Hwêrom loek in wolkem
 Foar de gouden stjirren

As in tsjuster skaed ?
 Hwêrom trille it reidtsje
 As fen eangstmen oandien ?
 Kroep forrie oer 't paed ?

Moantsje sjuch net langer
 Mei dynnoflik glimkjen
 Op det pearke del !
 Stjirkes, wier, bidek jin
 Hwent in manminsk hat net
 Eigen wird yn tel.

Hwêrom sei er licht hwet
 Det er sa net miende
 Do 't er him bitocht ?
 Miend 'r it moai to wêzen
 'n Setsje 'n faem to hawwen
 Dêr 't er nocht by socht ?

* * *

De bakkersfeint gyng 't doarp út
 Yn tsjinst by 'n oare baes,
 Om Foekje noch to tinken
 't Scoe wêze fiers to dwaes :
 Jy moatje wille hawwe,
 Hwent dêrfor is men jong ;
 Der biinn' mear froulj' as tsjerken !
 En . . . 't libben gyng syn gang.

By oare fammen foun er
 Nij nocht en swiid plesier,

De wide wrâld sa noflik
 Joech by de roes fortier ;
 En for syn foarich fanke
 Waerd kåld hy as in stien,
 Mocht hy hjar earst ris skriuwe,
 Det rekke allinken dien.

* * *

O det-eagen-iepengean
 Fen 't bidroegen herte !
 O det is net út to stean
 Stekt mei 'n wylde smerte !
 O det nettelt nacht en dei !
 Né, hja koe 't net leauwe !
 Scoe dy 't ienmul trou hjar sei
 Net deselde bliuwe ?

Sei dy mûle dûdlik net :
 — Fanke dû bist mines ! — ?
 't Is hjar eft hja 't wird noch heart,
 Do wie hja ynlyk sines,
 Sines is hja jimmer bleaun ;
 Ut hjar minnend herte
 Wirdt syn byltnis noait fortreaun,
 Ho 't det herte ek blette !

Ho 't de woune ek jimmer bliest,
 O dy goudne joune !
 't Heechste lok en 't slimst fortriet
 Brocht dy sillge stoune.
 Siker, hwet hjar hert forjit

Him scil 't net forgitte;
Ho 't er hjar yn 't leed ek stjit:
Né hja kin 't net litte.

Trúrje moat hja dei oan dei
Om forfleine hope;
Al hjar glângens slynt wei
En hjar krêft wirdt slope.
Inerlik fortriet sa bang
Gnauwt oan 't fammeherte;
En de roas glydt fen hjar wang,
Weitard fen 'e smerte.

* * *

„Hê, it wirdt dôchs knap forfelend,
Nou hat my dy Foek
Al wer trije brieven tastjûrd !
Sont ik do tomûk
Mei det famke in grapke hawn ha
Is hja glêd oeral !”
En mei faesje wirdt it daei klopt:
't Is in min gefal.

„Slim, ho kin dy faem sa wêze!
'k Haw forpraet my, ja !
Mar do 't ik my Foekje kuire
Och, do gyng det sa. —
Kom der mar wer boppe oer hinne
't Fâlt mei 't bern hwet ta;
'k Moat, is 't wier fen Foekje sikens,
Neat fen sa'nen ha'.”

Sa bitroaide er syn gewisse
Det him ynlik sei :
— Fier fen moai wie 't, sast' hjar hieste
't Roaide nearne nei. —
En do 't hy dy jouns by Sijke
To miraekljen stie
Wied er glêd forgotten, det er
Noch in Foekje ek wie.

* * *

Wiken, moannen fleagen hinne,
Drôfnis flime yn Foekje hert ;
Romke liet neat fen him witte,
Liet hjar stil to peinsjen sitte ;
Him forgitte ? . . . hja koe 't net !

Sjuch dêr op hjar bleke wang bloeit
Yn 'e mids in reade blom ;
Sjuch yn 't leed hjar lea forkwinen
En de krêft aloan fordwinen :
Och it fanke gammelt om.

Né hja komt it net toboppe
't Herte is hjar to stûf tosnien,
Det troch *him* op hwa hja boude
Dy 't se hiel hjar siel bitroude,
— O hjar ljeafste hat it dien !

Noch kin hja it noait bigripe
Det in frjeon sa hanlje kin,
Om fen minne en trou to sprekk'en

En it djûre wird to brekken, —
't Is to groulik, 't is to min.

En al slimmer taest hijar kwael hijar,
Heit en mem sjugg 't gûljend oan ;
O det fanke, 't eabel blomke
Slynt troch 't minne dwaen fen Romke
Wei lyk 't stjirljocht yn 'e moarn.

Ienmul ja, kaem Romke harren
By de kniesde roas to sjen,
Mar, — ho koe de feint sa wêze! —
Kwealk koe 't men 't meilijen lêze
Yn syn each, om 't deasiik bern.

En der rôllen hirde wirden,
Heit wie hast himsels gjin baes ;
Mar de sike sei : „bidarje !
Meije God him tiden sparje,
Net forwinskje, 't is to dwaes.

„Lit ús God dôchs ljeaver bidde
Om genade for syn siel,
Aenstons gean 'k yn frede hinne
'k Stean yn 't skieden net allinne :
'k Winskje ek him it selde diel.“

En do 't hja de lêste sike
Snokkre, wie dy sike in bea
For de feint, dy 't hijar tokniesd hie
Yn 'e sünden him fortuesd hie,
Om forjeffnis for syn kwea.

Beppe by de nane.

Us ljeave, swiete jonge
Dy laket beppe al oan,
Ja beppe hat it boike
Al wit-ho-faken roeike
En det foldocht sa skoan !

Ja beppe wit dyn witten
Dyn winsken tige goed
Hja wit wol hwet det moulntsje
Omgiert yn 't lytse holtsje
Lyk eren fen myn Sjoerd.

Hja sjucht dyn eagjes glinstrjen
Lyk tritich jierren lyn
't Each fen myn eigen jongkje ;
't Is suver 't eigenst fonkje
In himmel glimket d'r yn.

O mochstû ek opgroeije
Allyk myn ljeave soan !
Mochst' aerdsje nei dy golle,
En jimmer 't goede wolle, —
't Kwea bringt yen 't lijen oan.

'k Moat, 'k sjuch 'k nei dy, myn Ljimme
Tinke oan myn bêste man,
Do 't wy foriene wiernen
Sa'n blide dagen hien
O 'k bin der oandien fen.

Ho folle krusen stien
Op jimme beppe wei,
Mar yn dy djippe wegen
Foun 'k ek in skat fen segen
In Hegre wie my nei.

Mocht ek dy Hegre wenje
Myн ljeafing, yn dyn hert,
Syn sinne ek oer dy skine,
Den scilst de wille fine
Ek mids yn leed en smert.

Nou leiste noch yn 't naenke
Fen alle soargen frij;
Wy dribbelje op dyn winken
Dyn wollen en dyn tinken
Sjugge en forsteane wy.

Mar oare dagen komme
It libben hat syn sûr,
Syn stoarmen en syn pine
Det scilst' ek ûnderfine,
't Jowt faek in hiele toer.

O mocht in Himmelske Ingel
Den weitsje oer al dyn wei
Dy op it goepaed bringe,
Yn 't sûre it swiete minge
Dy hoedzje nacht en dei.

Ja folle krusen stien
Op jimme beppe paed

Mar faek ek mocht de wille
Myn herte yn 't blide optille
Waerd ik lâns roazen laet.

Ik mei myn beppesizzer
Yn 't gutich eachje sjen,
'k Mei oer dyn wangkjes strike
'k Bin sa mei dy forrike
Bern fen myn eigen bern.

'k Mei lyk Naomi hawwe
Rjue wille op d' âlde dei,
Al wie it libben bitter
De jountiid jowt noch skitter
De wolkems dreaunen wei.

O God wol Ljimme hoedzje
By 's libbens foar en tsjin,
En spried oer him Jins segen
En lied him op Jins wegen
Dy 't feilich for him binn'.

Yn 't lijen.

„Ja 't kin net oars myn wyfke,
't Is as de dei sa klar:
Dû moatst' ek mei nei 't lân ta

Mar 't docht my pynlik sear.
 Ik moat der net om tinke,
 Dû bist sa bleek en fyn,
 En den op 't lân omtôgje
 Yn alle rein en wyn!

„Mar och, dû witst 'k fortjinje
 Seis goune wyks, hwet is 't?
 'k Woe det dy ryke Nijboer
 Mar heal ús lijen wist!
 Mar né, sa'n boer forbyldt him:
 'k Fortjinje al lyk-fol-hwet!
 Acht mûlen iepen hâlde
 Hwet is 't in heislik lot!”

„Och mantsje !” glimke Tsjamke
 En streakke him oer 't wang,
 „Nou net to folle soargen;
 It dûrret faeks net lang
 Misskjin mei koarte jierren
 Den binn' wy, rint it mei
 Wer aerrich op 'e klûten
 En út de skulden wei.”

„Misskjin, . . . 'k woe wie 't sa fier mar,
 't Is my sa yn 'e wei
 Detstu ek oan 't fortjinste scilst
 'k Ha der gjin frede mei.
 Mar 'k fiel, de skulden twinge
 Yen op dit stuit dert.
 Oars woe 'k ek út noch yn net
 Myn wiif nei 't lân ta ha.

„Kom man, nou net to folle
 De swartste kant bisjen!
 Ha wy gjin rike skatten
 Yn ús fiif sounē bern?
 En woest' ek mem wol misse?
 As ik nei 't lân ta bin
 Is 't kant in wûnder, ho 't hja
 Us bern formeitsje kin.”

Sieds Jannes suchte en swige;
 Der wie neat oan to dwaen;
 Hwet scoed er oars syn folkje
 It graech hwet better jaen.
 Hy hie sa'n krigel wyfke
 Sa himmel en sa skjin,
 Mar oars, hwet wie it minske
 Dôchs danich skriel en tin.

Och ja, it lijen faget
 In minske it flêsk fen 't bien
 Hja hienen wol hwet ringen
 De lange tsjinst oangien;
 En den sa'n lyts fortjinste,
 Dêrfor moast by de boer
 In hûdfol wirk dien werde:
 Ja 't libben wie wol sûr!

En d' oare moarntiids stige
 It krigel minsk nei 't lân;
 Hjar bûrwiif seach sa nuver,
 — 't Gyng boppe hjar forstân, —
 En lûstre by hjar selme:

„Ik eangje dit rint mis
Hja hat fiif lytse berntsjes
By 'n mem, dy 't neat mear is.

't Gyng jeijend op in bodsjen,
It fleach dei út dei yn,
Hja tocht, by 't jildfortsjinjen
Net iens om rein ef wyn;
Mar ho 't se wrotte en wraemde
En klaude sünder lins,
't Woe neat net hird bidije:
It wie hwet for it mins.

Thús slopte it hiele spil út,
't Bistjûr wie der út wei,
En ho 't s' ek steech to stek stie
Hja kaem it wirk net nei,
Hja koe hjar hast fen drokte
Gjin tiid om t' iten jaen;
It griisde Siids genôch oan:
Mar hwet scoe hy d'r oan dwaen?

De hjerstwyn spile wrimpes
En rûzich oer 'e wrâld,
Der dreaunen slimme boijen,
As pikel wie 't sa kåld,
Mar hja moast ierpelsiikje
Moarns al by 't earste ljocht;
Om by min waer nei hûs ta
Dêr waerd net iens oer tocht.

Ho trillen jouns hjar skonken,
't Wirk gyng hjar oer 'e fûst,

Mar der mei op to hâlden?
O né!... it moast, it moast,
Ho wie h'j ynein en warrich,
En 't sliepen woe ek net;
Faeks laei se ûren wekker
Sa kloppe hjar it hert.

„It moat dôchs wier ophâlde,”
Sei Siids ris op in jouw
Do 't hy 't syn ynableek wiifke
Mei 't each fol triennen foun.
„Ik sjuch it foar myn eagen
Dû hâldst it sa net út,
Dû gietste mei dit bodsjen
By dagen efterút.

„Ik wòl 't net langer lije
It komt den, sa 't it komt
Ik eangje, oars wirdst mei gauwens
My en ús bern ûntnomd.”
Mar 't wyfke skoerde ringen
De holle 'er wer hwet by
En glimke: „ha nou wier net
Tofolle spil om my!”

Mar d' oare moarne do 't it
Sa kåld en boiich wie
En hja sa skrousk en knofflich
De bitekoppes sneie
Do trille hja sa ynlik
En winske al: wie 'k mar thús,
Sa duzle hjar de holle,
Grif, hja wie fier fen plûs.

Meilydsum sei de dolder:
 Jo binn net goed, det 's fêst
 Gean jo mar gau nei hûs ta
 En nim in dei-twa rêtst.
 Hja knoffele op hjar wente yn:
 It wie net mear to dwaen,
 Mar as hja kaem to lizzen
 Ho scoe it komme dan!

En 't duzle foar hjar sinnen:
 O, 't liket nou sa bryk;
 As ik net mear fortsjinje,
 Ho reitsje wy den lyk?
 Hja foel op bêd en kerme:
 „Myn earme man en bern!
 O God, Dy 't alles skôget
 Wol ek ús lijen sjen!”

Ien fen de jongste berntsjes
 Kaem op Siids Jinnes ta:
 „Hwet docht ús mem it nuver
 O heit, wy trilje sa!?” —
 Dêr stie de sterke kearel
 To gûlen by it bêd;
 Hwet duzle it earme minske
 Hwet gien' de siken rêd.

De dokter sei: „hja sette
 In tiid tofolle ta,
 Gânsk kjelt noch dêrby skipe:
 Goed ynslach moat hja ha.”

Goed ynslach! . . . en Siids huvre
 It liket der hwet nei!
 It klonk him as bispotten:
 Hwêr kriegen hja it wei?

It dûrre lange tiden,
 It bliek in minne kwael;
 Hja kaem, al waerd 't sims rommer
 Mar net wer op 'e hael;
 Hja tilde fiersto swier ek
 Oer 't lijen en 't gebrek;
 It minsk foel iederkearen
 Nei 'n setsje wer tobek.

It boaze al oan, al slimmer;
 Hjar krêften namen ôf;
 En do 't de maitiid groei joech
 Brocht Siids syn wiif to hôf.
 Lang moaste de earme bodder
 Yn d' iepen kûle sjen;
 Dêr foel er op syn knibbels
 En gûlde lyk in bern . . .

Rie fen 't sûperswiif.

Kom nou tichte by my berntsjes;
 't Rint nei de ein ta, 'k hoech hjir net
 Lang op 't siikbed mear to lizzen;

Mar ik haw noch hwet to sizzen :

Printsje djip det yn jim hert.

'k Hâld fen jimme, dierbre berntsjes,

Allegear my like nei ;

'k Triuw, by siele- en lichemsmerde

Jim sa ynlik oan myn herte . . .

Efkés noch, . . . dré bin ik wei.

En sa ljeaf as 'k jim ha berntsjes,

Mear as 't koe, hie 'k him alear

Dy 't ik yn myn blide dagen

Herte en hân joech, fol bihagen,

Him . . . o 'k miende it him sa tear.

O hwet wiernen 't moaije jounen

Yn dy earste fleurge tiid,

As wy fleurich by n' oar wiernen

Kâltsjend 't oer de takomst hienen

Oer de takomst, nuvre bliid.

't Sintsje skynde yn 't nochlik wentsje,

't Jounrea geat syn gouden gloed

Oer 'e bliere abeeljes hinne,

En myn hert wie inkeld sinne

En syn sin wie wol to moed.

Noait hie'k tocht, det hy, dy fikse

My myn lok toknieze scoe,

My totraepje scoe it herte.

En himsels yn 't ûnleech sette

Sa 't gjinien it tinke koe.

'k Haw him ljeaf hawn mei myn herte

Sa 't in frouminsk ljeavje kin ;

Hy ek woe syn hert my biede

Mar dy drank, de flok fen d' ierde

Makke him sa tsjoed sa min.

Né, hy stie net fêst det diich 't him,

Hy loek Jamk nei 't goede wol,

Mar wist net himsels to binen,

Draeide al meast mei alle winen,

Hâlde net mei 't goede fol.

En hy socht, hwet moai him like

Sûnder rieplacht mei 't forstân ;

Fâlske frjeonen haw him litsen

Yn hjar súperij bitritsen, . . .

Hie 'k dêr daelk mar erch yn hawn !

Noait net scil 'k dy joun for jitte

Do 't er waggljend 't hûs yn kaem

D' eagen draeiden yn syn holle

'k Seach 't opslach : hy hie tofolle,

'k Skrilde do 't ik it fornaem.

't Wie do 't hja, myn ljeave Lipkje

Yn it widzke boartsjend laei,

Mar ik stie der dalik njonken

Né in man, hwaens siken stonken

Scoe myn ljeavling net bynei ?

Aeklik sloech syn tongue dûbeld ;

„Ik scil witte hwet ik doch !”

Mar ik treau myn bern oan 't herte
 'k Scoe myn libben for hjar sette . . .
 O det skoerde 'er grousum troch.

D' oare moanne nochturen, skamme
 Hy him ta'n 'e teannen út:
 „O it moeit my sa, myn bêste !
 D' earste kear wie ek de lêste,
 Wyfke ! det 's myn fêst bislút”.

Hied 'r 'im oan det wird dôchs hâlden !
 't Hie my sparre great fortriet!
 Mar hy koe gjin wjerstân biede,
 Liet him fiersto gau forliede
 As er yn it selskip siet.

O dy slim toheistre jounen
 As ik dêr to wachtsjen siet,
 As ik freesde for syn kommen.
 As er dronken, ljeave bloommen,
 Us dêr wyt en swart forwiet.

Wie det wier myn eigen man wol
 Dy 't ús treau yn 't lijjen del?
 Mei syn sûpen is er sakke
 Drank hat him in minske ôf makke,
 En it libben my in hel.

En do 't ljeave Lipkje stoarn wie,
 — O myn herte blet noch sa,
 'k Moat in damp út 'e eagen wiske, —

Plofte er dronken op it kisje, . . .
 O ho mocht, ho mocht er 't ha' ?

My, dy 't altyd oan him trou bleau
 Sels al roun it noch sa fier,
 Weage er 't yn syn dronken riten
 Ta'n de doarren út te smiten ;
 O myn lijjen wie sa swier!

Faken wie 'k mar bliid, — 't wie 't bêste! —
 Det er safierhinne wie
 Det er, ho 'k dêr earst oer skrille,
 Om de boel thús op to tillen.
 Krêften noch memoarje hie.

Faken haw ik winske yn 't lijjen :
 Wied er dôchs mar dea, om my !
 't Wie my sûnde, 'k wol wol 't leauwe,
 Mar gjin pinne kin biskriuwé
 Hwet ik lit haw, hwet ik lij.

En ús sinten, — och jim wit it
 Ho 't ús spiltsje yn 't lijjen sit! —
 Fleagen dêr as fearren hinne,
 Lyk de snie teit for de sinne ;
 Earmoed haw we al tiden lit.

't Krease hûsrie, det wy hienen
 Is fordangle, — 't moast wol sa, —
 Alles leit fol stof en fâlden :
 Om de boel yn 'e es to hâlden
 Hwa kin dêr nou sin oan ha' ?

'k Moast jim dit to binnen bringe,
 Mar jim seagen 't lang ek wol,
 En jim witte it fen ús lijen,
 'k Hoech for jim net mear to mijen
 'k Hou' det earst mar 'n setsje fol. —

Ringen bin ik út dit lijen:
 'k Fiel it dûdlik, 't rint nei d' ein;
 As ik stjer, det mei ik witte,
 Hat, — God woe my net forlitte! —
 D' ûre der forlossing slein.

Mar ien ding *moat* jim biloave:
 Jonges, *noait* ien korel drank
 Mei der oer jim lippen komme;
 Fakernôch haw jim fornommen
 Ho 't in pest is en in stank.

Fammenbern, jim wirde al greater:
 Feinten binn' mei wirden rij;
 Sjuch út d' eagen, hwa 't jim krije;
 O jim scille it sûr bilije
 As 't jim ôfgiet lyk as my.

'k Moast jim dit to binnen bringe
 Ear 't yn 't koele grêf ik rêt;
 As jim 't kweade mienens mijje,
 Lit my hjir in set noch lije
 Den 's myn leed net fruchtleas west.

Tink as jim de flaeistim lokket
 Ho't jim heit in ûnmansk waerd;

't Sûndelean is swier to dragen
 Freegje yn al jim libbensdagen
 Nei Gods wil en 't goede paed.

Memmeklachte.

O, 't dych my sear, do 't ik hjar dêr seach sitten
 By Teade, dy 't myn fankes ienmul wie,
 O 'k fielde djip in lijen, nea to mijtten;
 Ik moast dêr wei, ik wist mysels gjin rie,
 't Wie eft myn hert bifrear,
 O, 't dych my ynlik sear!

O, 'k tink sa faek noch oan dy mylde tiden
 Do 't Gels, ús Gels ús stipe en alles wie;
 Ho tear sloech 't hert, sa blide mei de bliden,
 En hwet det bern in yngol wêzen hie!
 Ho fleurich dych 't hjar taek
 Hwet tink ik det noch faek!

Hwet rynske dei, do 't hja mei Teade troude;
 Ho trille it lok hjar yn it ljochtblauwe each!
 Ho suvre nocht, do 't God hjar wente boude,
 En lytse Jip sa proes nei beppe seach!
 Ho roun 't yn alles mei
 Sa mannich rynske dei!

Hwet waerd ús lok yn koarte tiid forroppe:
 Myn dochter yn fiif dagen soun en wei; . . .

O ja, sy sei: „ús Himmelheit hat kloppe.”
 't Joech salve wol, mar o, dy slach gyng nei!
 Myn holle bûgde yn drok,
 Ho ring forstau ús lok!

'k Sonk yn 'e groun, do 't Teade my forkleare:
 „t Is thús sa kåld, sa iensem is 't me om 't hert;
 't Rint alles skrank, ik kin 't net mear forneare,
 Ik haw myn sin wer op in froumins set,
 Gebk hat my 't tawird jown.”
 Do sonk ik yn 'e groun.

Ik gûlde it út: „kinstu nei sa'n lyts hoartsje
 Soks dwaen? Forgeatst myn bern? . . .” „mem moat sa net!
 Sneins sit ik thús, Jip rint om 't hûs to boartsjen;
 En deis! al 't wirk wirdt fen in frjemd biret:
 Mem seegnje myn bislút!”
 Ik die 't; mar gûlde it út.

Hwet scoe 'k d'r oan dwaen? hy is gjin minne Teade,
 Syn herte is gol, mar 'k woe 't sa gau net ha;
 Hong hy den mar sà'n lyts bytsje oan de deade?
 Nou fierft him Gebk hiel oare tinzen ta;
 O 't is om to forslaen
 En 'k kin der neat oan dwaen.

O 't dych my sear, nou seach ik Gebke sitten
 Oan Teade side en 'k wist mysels gjin rie;
 Myn each is rea, ik ha sà'n triennen litten,
 'k Ha winske det 'k yn 't grêf by Gelske wie;
 'k Bin ôfmêd, 't is my near
 O 't nypt my, pynlik sear.

Deselde stoel, dy 't ik myn Gels foreare,
 Deselde went, der 't hja hjar lietsje song,
 Deselde hert, det hjar syn trou forkleare
 't Hjert álles Gebk, dy 't fanke byld forkrong;
 Ho nitelt my 't gefoel:
 In frjemd' op Gelse stoel!

Ien treast bleau me oer: 'k seach Gels yn Jipke wêzen,
 Det blomke scoe dôchs oan hjar mem wol linke, nou?
 Wie 't sa? . . . 't boi kaem oan beppe súntsjes sizzen:
 „k Ha nije mem sa ljeaf!” 'k rydboske, ik bleau
 Dêr tiden fen oerstjûr:
 Nou bleau *gjin* treast mear oer.

Gjin treast mear oer? . . . God! bin 'k den sa djip sakke? . . .
 'k Forgeat myn Heit om myn forgotten bern!
 'k Haw me yn myn leed oan opstân skuldich makke;
 o Lear me yn 't slaen Jou Heitehân to sjên.
 Jow, det ik jimmer wit:
 Us Gelske libbet yet!

Hy docht ús net nei ús kwea.

Hoer Bjense wie waersiek, it wierre sa min,
 It reinde glêd dagen en dagen;
 Krekt skynde de sinne, en der like 't wer eft
 De boijen elkoarren forjagen.
 Earst wie it sa droech west, der woehs hast gjin wreid,

Nou woe wer it winnen net flotsje:
 't Gjêrs woechs troch de swéén, it skoandere hea
 Moast hast oer 'e greide forrotsje.

Wer reinde it dy Mandeis al oan en al wei,
 — De Sneis hie 't sok kostlik moai waer west! —
 „Och,” stymde de boer, „hie 'k dôchs jister mar kind,
 't Hat wier yn gjin jierren sa raer west!”
 Hy gyng mar hwet lizzen, 't wie net hast to sjên;
 It gyng him oant nou sa foarspoedich,
 Dit jier noch, en al d' âlde skulden binn' lyk
 Mar nou? . . . en hy stinde mismoedich.

„Hwet skilt dy?” sei 't wiif, „biste goarrich ef sa,
 Nin wird is mear út dy to krijen!”
 „Och!” klage er yn wrimpnens, „it is my gjin waer,
 Hwet haw wy in bloedigen lijen;
 Niis stie 'k by Sierk Koaiboer, dy seach al sa sûr
 En gnoarre oer ús leed en ús lêsten:
 — Hwennear der in God is, Dy 't alles bistjûrt,
 Sa sei er, — is 't fêst net in bêsten!

Hy pleaget ús knap, hwent op Snein is 't moaiwaer,
 Deis reint it; — 'k hie jister wol swile
 Mar den wol it folk net, de ljue bin sa fyn;
 Sa wirdt nou glêd alles forspile!”
 „Hâlde op!” rôp boerinne, „t giet fierstento fier,
 Dû hast him torjuchte dôchs wezen!?”
 Mar Bjense sei suchtsjend: „'k wie suver d'r yn wei,
 k Wist glêd net hwet dêrop to sizzen!”

„O,” gjalpte boerinne, „hou ha 'k it sa net!
 Ho koestû dyn andert net witte?

Scœ God, Dy 't ús stipet, dei út en dei yn,
 Scœ God den Syn bern oait forgitte?
 Do 't Saepke sa min wie, witst det den net mear?
 Hwet haw we op 'e knibbels him bidden
 Om 't libben fen 't bern, en Hy joech it ús wer:
 Sa dûdlik wie Hy yn 't formidden.”

„Mar hwet is 't min waer nou, det bliuwt dôchs mar wier!
 't Folk rint yen aloan om 'e teannen,
 Dy laitsje as 't min waer is, hjar sinten binn' wis,
 'k Woe ek, det wy arbeider wiernen!”
 Boerinne moast laitsje, ho slim as 't ek stie:
 „'k Scœ sizze, det moast ris perbearje,
 Der scoestû wol gau dyn bikommen fen ha',
 Scoest ringen ta boer wer forfearje.

Mar freegje dôchs ljeaver by al hwet ús met:
 Hwet jowt hjir ús God yen to learen?
 't Is kwea, greate sûnde, sa styklich fen sin
 To gnoarjen tsjin 't wollen des Hearen!”
 De boer draeide 'im om, wis it wiif hie gelyk,
 Mar 't wie him sa bitter fen binnen;
 Syn magefol hea gyng him fier oer 'e meuch,
 It jildforlies pripte yn syn sinnen.

En d' oare deis skynde de sinne sa heech,
 De wyn skeat sa hearlik nei bûten;
 De minsken yn 't spier mei 't moai opdruijend hea,
 Hja skripten en wraemden en wrotten.
 De tispel fleach snoerjend de swéén yn 't roun,
 It heistere hea stoude hichten,
 De swylsters sa beuzich wiern' drok yn 'e skrep
 Mei 'n laits op de blide gesichten.

De boer seach dy jountiids oer 't drôgjende fjild
 Do 't alles sa stil wie, sa tige,
 De dauwe út 'e sleatten loek wyt as de snie:
 Dêr stienen hja rige by rige
 De rôkken en oppers fen 't geurjende hea;
 Myld dreau him de swietrook tomiette,
 In trien blonk yn 't each en in liet klonk yn 't hert:
 Né God scoe syn bern net forgitte !

Dêr stied er by 't lytshûs en eage oer it fjild,
 En 't mealde 'im en 't súse yn syn holle:
 — Dû bist ris wer mis west, ja slim bûten 't spoor
 Dû lûkst oan 't swierst' ein fiersto folle!
 „Myn God !“ gjalpte er út, „ho koe ik dôchs sa !
 Ho koe ik Jou paden forlitte ?
 Hwet ha 'k it hjir goed en ek heech boppe in oar
 En 'k doarst noch Jins woldwaen forgitte !

Ho seach myn froed wiif it in stik better yn
 Det Jo hwet ús past altyd jowe,
 'k Bin minder o Heare as Jou wûnders sa great
 Net wirdich Jins ginst en Jins trouwe !
 Ho great is Jou ljeafde ! ho lyts is de minsk,
 Dôfhûdich en steech tsjin Jou leare !
 Jo dogge oan ús noait nei ús sünden en kwea
 Hâld my det foar 't each dochs, o Heare !“

Boerinne kaem súntsjes : „nou bist wer to plak,
 O lit ús det noait wer forgitte !
 De Heare barmhertich jowt jimmer ús 't brea,
 Hy scil noait syn tsjinders forstjritte.“
 Sa stienen s' in toarn dêr, mei tank yn it hert,

Biwûndrjend Gods wûndere wegen,
 En d' Ingels omheech songen bliid for Gods troan :
 In sundaer sjucht op nei omhegen !

Maitiid.

Ho sjongt nou myn herte, ho trillet myn moëd !
 De maitiid kaem harren mei blomkjende gloed,
 Mei freugde op 'e wjukken, mei wille yn 'e hân ;
 In seegnjende wasem driuwt sêftkes oer 't lân,

Nou swevet oer 't miedlân in swietblanke dau,
 Blinktnoflik it sintsje oan 't blierkjende blau
 Lûkt laitsjend it knopke en de snakjende sprút
 Mei triuwkes en patsjes de winterklean út.

Ho toar wie de winter, oer 't fjild laei de dea,
 Mar 't tynde, 't ûntbotte yn 'e ierdrykse lea ;
 D' Almachtinge spriek : en de dea is fordien,
 Yn it hege is de wille en oer 't ierdryk it grien.

Nou trilje de kimen, de dyk tilt omheech,
 En suvere locht saet nei 't ierdryk omleech,
 Oer bouwen en mieden de groei it sa docht
 En terpen en wieren wjerspeeglje de noct.

En sjuch se der boartsjen yn feart en yn mar,
 Ho sjitte de fiskjes, hwet dogge se in war !

En 't eintsje driuwt nochlik oer 't tearkjende wiet
En kwekkert en snettert: 't nij libben is swiet!

It lamke yn 'e finne sa dertene bliid
Bitripket, bihipket de fleurige tiid;
De floitsjende fûgels moarnsier út 'e rêt,
Biklaeije ûnder 't tsjottrjen hjar roeikjende nêst.

De tinende knopkes winne oan by de dei,
De blomkes bloei' tel út hjar wynseltjes wei;
En kleuren sa sêft, tûzen geuren sa soun
Forsierje, bidauwje de dampjende groun.

En blier is de jountiid en swiet is de nacht,
Den flikkrje de stjirkes mei himmelske pracht;
En blank is de dauwe, dy 't driuwt oer it grien,
En pattet de blomkes mei 'n paerljende trien.

En komt den de dage sa jong en sa kein
Mei 'n roasreade wang út it Easterlân tein
Oergloedsjend it wolkje det sylt tsjin de dei,
Den 's suver myn herte yn dy hearlikens wei.

Ja moarns! o as 't lurkje heech driuwklet nei 't blau,
Dêr kwinkelt, tierlieret fen d' ivige trou
Dy 't delsaeit fen Boppen, nei Boppen my liedt
Den 's 't hearlik en kostlik, den 's 't frede oer ús ierd.

En jouns as de stiltme him spriedt oer 'e groun,
It sintsje nei 't reisgjen de rête wer foun,
Den sjongt yn myn herte det wûndere liet
Fen langstme nei 't Himmelske suvere swiet.

Sa weaget de maitiid, jowt ryklik hjar goed
Fen wûndere weelde ophevet my 't moed,
Fen maitiidske ljeafde, fen hillige min,
Fen herten foriene yn hjar inerlik sin.

It byld fen 'e ljeafde, dy 't God jowt oer d' ierd
Stiet djip yn myn hert skreaun en 't boarlet ta'n liet,
En 't trillet ynwindich: ho skoan is myn lot,
Ik sjuch yn Syn jeften de hân fen myn God.

Houlikswinsk.

As de struze winter ôfstekt,
Rynsk de maitiidswillie bloeit,
As it ljurkje omhegens lofsjontg,
't Fiskje yn 't heldre wetter djoeit,
As de miedeblommen roeikje
't Sudewyntsje oer 't marwiet gliidt,
Dèn, dèn is 't de tiid der minne
Dèn der jonkheit goudne tiid.

Ien fen sinnen, ien yn wollen
Makket kweeljend 't fûgelpear
Yn 'e hege abeeljeblossen
't Roeikjend prikkenésje klar.
Lit de protter 't nocht útsjottrje,
Binn' de minsken net allyk?
Yn der minne maitiidsinne
Binne wy sa strieljend ryk.

Roazen bloeijje noch op ierde,
 't Jowt him hjir sa noflik oan;
 Troch Gods goede ginsten is 't ús
 Faken nochfol, ryk en skoan.
 Troud jong pear! jim meije wille,
 Meije in bliid foarútsicht ha',
 En ik winskje op 't boatsjefarkjen
 't Bêste út 's Hearen hân jim ta.

Ien fen sin en ien fen herte
 Geane jim de takomst yn,
 's Herten winsk is swiet, jim kommen
 Mei in mylde sinneskyn.
 Lit se kliuwe, heger drieuwé
 Rjuchte ljeafde wint al oan.
 O det hert yn hert to kennen
 Det is libben, det is skoan !

Né, wy meije it noait for jitte :
 't Rint net altyd glêd en mei,
 Wolkems skouwe foar de sinne
 En de ljochten wirde wei ;
 't Kin op 't libbenspaed ek tongrje
 't Lijen djippe wounen slaen, —
 Bliuw ek dèn elkoarren trouwe
 Den scil 't leed sels bliidskip jaen.

't Is de Heare, Dy 't it bêste
 Wit hwet wei wy nedich ha' ;
 Hwent de weelde jowt oerdwealskens,
 Ljeavjend stjûrt Er 't krûs ús ta.
 Bergje jim aloan by Jezus,

Den binn' jim de loksteat wis,
 Om 't de Heare yn 's libbens brânning
 D' alderbêste stjûrman is.

Bliuw elkoarren trou en earlik,
 Draech it lijen mei geduld ;
 Mochten jimme rampen treffe
 Jow elkoarren noait de skuld.
 Nimme jimme it leed to gearre
 Wille siigt den út 'e smert,
 Nammsto rynsker scil den neitiid
 Freugde opbloeije yn 't minnend hert.

Wêze aloan jim Heil en Stipe
 God de machtige Opperhear ;
 Is de loft den sims bilitzen
 Den wirdt dôchs de loft wer klear.
 Den ek dauwet mylde segen
 As by âlds oer Israël
 Fen de trouwe Sielehoeder
 Yn jim útsjênd herte del.

Yn 'e Namme fen Jehova,
 Him, Dy 't wie en altyd is,
 Dy 't de minske ryk bidielde
 Mei Syn eigen byltenis,
 Dy 't de ljeafde yn 't herte plante
 Moat aloan jimm helpe stean,
 En jim kinn' jimm' wei op ierde
 Bliid mei wiere wille gean.

Simmerjoun yn 't fjild.

Ho blierket nou it ierdryk blij,
Gjin ierdske soargjen prykje my
De wille fen de simmerjoun
Driuwt oer de wide fjilden roun.

Yn 't Westen hat it greate Ijocht
It fier-om-fierren nêst opsocht;
In gouden gloede lit it nei,
Dêr pronket swiid de jounloft mei.

Ho moai stiet dêr it doarpke fier
Tsjin 't jounrea op syn hege wier;
It jowt him oan, det beamtegrien
As hie 't dêr alle d' ieuwen stien.

En by it earste stjirreblink
Riizt dauwjend moai út sleat en slink
In wite wale en wynt him om
En pattet sêftkes blêd en blom.

Ho wint al oan dy dauwesé
As weve hja in klaeijing ré
Om d' ierdefaem, det skruten bern
To bergjen for ûnheilich sjên.

Ho sprekt my 't stjirreflikkrjen sa
Fen 't Ijocht hjir ivich boppe ta!
Ho blinkt it blau, det ivich stiet
Fen 's Hearen trou, dy 't noait forgiet!

Ho fiel 'k op de bidauwe groun
De heilgens fen de simmerjoun;
't Is oan myn herte hunichswiet
As 't sweevjen fen in suver liet.

Ik wit my oan Gods Heitehân
Hy liedt my nei it heitelân
Dêr 't noait de suvre noct fortjert
Dêr 't ivich frede is yn it hert.

Honoflik skoan is 't oan myn siel
Nou 'k neat fen d' ierdske soargen fiel,
De wille fen de simmerjoun
Ha 'k yn it Ijocht fen 't Godswird foun.

Jow ús frede.

Jow ús frede, wrâldmonarken
Dy 't jim nei de Kristus neame,
Nei Dy 't frede brocht oan 't minskdom,
Folgje Him yn al Syn wirken,
Slaen de swinden dôchs ta seinen.

For elkoarren 't goede siikje
Is fen Hegerhân yen oplein;
Rjucht troch wraek is 't groulikst ûnrjucht
Rjucht dwaen moatte wy ús broerren,
Mar hjar ek ta segen wêze.

Jildt det wird net for de folken ?
 Kin it werklik Kristlik h jitte
 As jim h jit nei bloed en baernen
 Dryst elkoarren 't libben nimme
 Inkeld om jim krêften t' útrjen ?

Sjuch de boer yn frede skreppen
 Op syn groun, djûre âlderserve ;
 Sjuch him ploegjen, siedsjen, plantsjen.
 Hen, ho glinstrje blier syn eagen
 As er sjucht oer 't weagjend nôtfjild.

Kin it jim den net bikrûpe
 As syn soargjen, as syn hope
 Dêr 't er hiele jier for bodde
 Mei jim wylde oarlochsfeinten
 Yn 'e groun forwâdde wei wirdt ?

Jimme sitte op jimme troanen
 Mids yn pracht, en swide weelde,
 Mar jim tsjinders stjûr' jim 't fjild yn
 Om elkoarren wreed to moardsjen
 Sûnder det s' elkoar misdien.

En de heit gnarst op 'e tosken
 En de mem gûlt om hjar soannen :
 Hwêr scoen' dôchs myn dierbren wêze ?
 Scoe ik oait, dy 'k droech mei lijen
 Yn dit triennedal weromsjen ?

Soannen fen ús bliere hope,
 Dêr 't wy 't takomstjocht yn seagen,

Dy 't ús, as ús âlde dei kaem
 Sterkte en stipe wêze scoe en . . .
 O wy moatte 'er net om tinke.

Wit jim net fen fammene eagen,
 Trûrich sjende en read fen gûlen
 Om 't hjar heechste wille op ierde
 Weiteach nei it grousum slachtfjild,
 Dêr 't de sleinen hinnesige ?

Griizt it jim net oan det tûznen'
 Op jimm' winken tûzen deaden
 Stjérre yn wrede pineflime ?
 Stjérre, en yn hjar stjérren freegje :
 Hwêrom dôchs oer ús dit lijen ?

Tûznen eagen hol en aeklik
 Yn 'e troanje wyld forwrongen
 Tsjûge fen in fûle smerte
 Fen in seare hertepine
 Fen in krimpen yn it leed wei.

't Bêd fen eare ! snoade spottael !
 Né, det kin det fjild net wêze,
 Scoe it tongrjen der kanonnen
 Scoe de damp fen krût en hagel
 Eare bringe oan dy dêr stjerre ?

Jow ús frede, wrâldmonarken ?
 D' oarloch past net yn ús tiden,
 Scoe 't gewelt ús den ús rjucht jaen ?
 't Is in rûch en tsjuster middel
 Goed for Heidens en Barbaren.

Mocht de heilstiid ringen komme
 Det it slachtersnijwirk wicket
 En de folken mei elkoarren
 Libje as broerren, 't goede siikjend :
 Sprek gewisse, sprek al lüder !

Jow ús frede, wrâldmonarken,
 Dy 't yn Kristus broerren binne,
 Slaen de swirden dochs ta seinen, —
 En ús tank riist nei omhegens,
 Nei de Heare Dy 't jim 't Ijocht joech.

It jild.

*op 't spoar fen 'e Halbertsma's
 dy 't J. de Decker al ris têzen
 hienien.*

It jild is fierwei 't moaist, it kostlikst goed op ierde,
 Deroer moat nedich ik in inkeld wird hjir biede :
 In blom is neat dêr by, gjin dichtstik is sa prûs,
 As 't eabel, minlik jild, foaral 't jild by de rûs.
 't Is 't krêftichst' en it kreast', it nuttichst' en it bêste,
 't Jownt swide wille en nocht', 't jownt drege frede en rête.

O 't is sok ienich gûd, sa lokjend-lûkend winkt it,
 't Is moaier as de dau, mear as de stijren blinkt it ;
 Dy roune skiven binn sá ljeaf, 't blykt yen ál mear,
 Mei 't rânneskript: *God zij met ons*, is alles klear ;

Men kin oer hiel de wrâld gjin moaier klank bitinke
 Den as de gounen en de gouden tsientsjes klinke.

En den 't pompierjild noch ! ik scoe neat betters witte
 As tûzen briefkes elk fen tûzen ; boppe mijte
 Is 't hunichswiete swiet sok rissljend goed to sjen ;
 Foar sa'n oerible skat bûgt me op de knibbel sjen ; . . .
 'k Bin lilk hear 'k goeds fen 't jild ierdsk slyk to sizzen,
 Mei „'t kâlde, deade jild“ det goed yn 't leech to lizzen.

't Binn dichters dy 't sa smeul', det binn' goeds bûte sinnen
 Sok ras wit nearne fen, dêr 's neat mei to bigjinnen ;
 Dy keale jobben rinne d'r yn 'e sûs op yn,
 Lúsangels earste klas binn' stôk-en sinneblyn ;
 Dy 't sok smel praet fier, hat foarfêst gjin duit yn 't fesje,
 Ynfrettene jeloersk, det is mar krekt de kjesje.

Ja 't jild is ljeaflik, lit neimakke wizen kniese ; —
 Hwêr binn wy eanger fen, as det gûd to forliesen ?
 Men hat oer hiel de lea gjin fieling-tearder sté
 As 't pongkje mei splindyd, de portmonné !
 Hwerom is ûnder ai de moaden, dy 't der dagen
 Gjin útfoun dochs om rouw oer weistoud jild to dragen ?

't Jild is sa nuttich ek, 't kin minsken by 'noar hâlte :
 Oan neef mei sinten sit men fêster as in klâdde,
 Mei gouden tridden bynt it de femylje sa,
 As neat to winnen wy ef to forliesen ha'
 Den is ús earm ûnthâld lek as in gatsjepanne,
 Mar goedryk, bloedryk ! — 't scil der noait in wreid om spanne.

't Jild hâldt it folk by'nien, 't skiedt ek dy 't skiede moatte :
 De rike grytmanssoan, dy 't eren fleurich boartte

Mei Wikje it túndersbern, wit hjar him lang net lyk,
For 't bern út d' earme stân to brimstich en to ryk,
Hat oare boartsters wol, jowt nou dyselde Wikje
Hiel út 'e hichte wei in heechst genadich knikje.

De dichters seure wol : de ljeafde is 't djûrste, is 't dreechste,
Dêr 's net in wreid fen oan, it jild driuwt fierwei 't heechste,
Men yt fen ljeafde net, — hwet 's trouwen súnder jild
In nûtsdop súnder pit, in hûsfol leed en skuld,
Steur jim dos noait in grieske oan 't smeulsk en ôfwaeid reltsje:
"Hy naem hjar om hjar jild en net om 't skronflich feltsje!"

Wy allegearre ha', binammen as men keken
't Spil op 'e keper nimt, in poarsje rare streken,
Elk hat syn eigen kwea, bysûndre sûnde en lek,
Mar 't heislikst brek, det oait bistiet is jildgebrek ;
Det is in slimme kwael, dy 't dêroan laborearet
Sit yn in minne hûd, dy 't yn gjin jierren klearet.

In earme man, och kom ! hwet scoe sa'n keale kinkel,
Sa'n stobbe súnder leat, sa'n meageren skerminkel !
Dy 't earm is, is ek dom, 't stiet fêster as in hûs,
Dy 't ryk is, is forneamd, hat frjeonen by de rûs,
Dy 't jild hat, hat forstân, de riken kinne it witte
Dy 't jild hat moat foaroan yn alle rieden sitte.

Hja hjerre op 't bêste plak, foaroan, sels yn 'e tsjerke,
Dit lit it fêste sit op 't moaiste sté, goed merke ;
De Bibel wiist it oars, Jakobus woe wol ha'
De rike scoe mei 't selde as alle de oaren ta :
Wy binn 't dêr net mei iens, wy libje folle letter
Binn mear ûntwikkle en sa, sadwaende witt' wy 't better.

Ja reisgje d' ierde yn 't roun, en elk scil lûdwei tsjûge :
D'r is alles foar to keap, foar 't jild moat alles búige ;
't Jowt oansjen, hege steat, al hwet de sinnen aeft.
Ek d' earme fielt dy macht, dêr hiel de wrâld om draeit
En búgt him foar minhear, hwent sjuch, minhear hat sinten
Al is de skevel oars ien fen de greateste drinten.

Wy werde dei oan dei mei gouden swipen jage.
Det wraxljen, axljen stûf foar deiljocht en foar dage,
Det hersenskrabjen, 't wrotten ier en let op 't fjild,
Hwêr 's oars om, as om 't jild, en om 'e glans fen 't jild ?
Wy wrotte ús lea oanein, wy reppe, skreppe en klouwe
En smachtsje nei 't ljeaf jild, as 't ieltsje nei de dauwe.

Hwêrom scoe 'n waerme boer troch smots en blabse hinne
By 't hjerst faek wiet syn kij noch eft'r 'e boksen rinne ?
Hwêrom de keapman noch syn glystrich hannlijen dwaen,
Hwêrom de loajer yn syn stjonkend spil omslaen ?
Hwêrom scoe d' amptner ek, oan 't yeslok tsjûk al iten,
't Lân langer tsjinst oandwaen mei 't op de pin to biten ?

Wie 't net om 't skoandre jild, hja scoenen slûger wêze,
De rêch hwet yn 'e stoel de Ljouwter krante lèze,
Ien hân oan 't slingerroer, in „dripske“ yn d' oare hân
Baei smoke en swetse oer 't lân en oer 't regear fen 't lân,
En litte hannlje en boerkje en fondsje en rinne en stinne
Dy 't oars de stôk net út hjar kielgat keare kinne !

Hwet wichten for d' âld klok, for 't moulntsje wjukken binne
Is 't jild for 't minskeryk, 't spil mjelt troch 't jild allinne.
Nim hjar de wichten ôf, de klok is glêd ûnklear
En baern de wjukken op, de mounle mjelt net mear !

Sa wiern' de minsken stil, de hjitsten sels bidaerden
As hja troch 't kréftich jild net langer opwoun waerden.

Bigjinsels hat hast elk, elk giet ljeafst for hiel goed troch, —
D'r is faken larje by, as wy oerible froed dogg';
Komt sims 't bigjinsel net mei ús bilang oerien,
En taest it yn 'e pong, den wirdt der war op dien
Yens leare in reis to jaen, wy muijerje, rekke en ploatse
In swaei,...en noch in swaei,...en... 't skip is binnen loadse!

Hwet sjuch ik?... *Falsement*... o 't is hast net to hirden
Ofgryslik, heislik is 't, ien fen d' oerslimste wirden
Dy 't men op 't ierdryk fytnt. 't Jowt oan : 't stiet mear den skean.
Sa'n yslik wird scoe yen troch ier 'n en sinen gean ;
't Wol insliks sizze : 't hier is nou sà fier útkiemme
Men kin in keale lûs net mear as 't libben nimme.

Foarfêst, hja dy 't sa sneu op 't jild gebeten binne,
Binn' goeds dy 't jimmeroa mar danich skrok it hiene,
Hja rekke, wiern' h'j' al wiis, glêdwei by 't wâltsje del,
Sa meager as in stôk sa earem as in swel,
Hwent oaren yt' de koal, sy gnabblje op 'e strûken ;
Hjar hiele eindom is in planke mannich boeken.

Mei 'n keale, feale jas meij' sy troch 't libben lije,
Gjin lûs kin dêr om skik in kromke skrip op krije,
Grimmitich det hja neat mei krije fen 'e brij
Hâld' hja det smelle praet oer jildôfgaderij. —
Sjêsa, nou 's 't praet : De wize allinne is ryk ! forroppe
Det mâi gegûl, gegrym foargoed de mûle stoppe.

Gânsk geskreau, in bytsje wol.
nei in praetsje fen Jan Ploeger.

Gânsk geskreau, in bytsje wol,
Wyn en blast by 't amerfol
Sa is 't wrâlske wyldejei ;
't Is geleits, gerop, gegei,
Sûnder lok en wiere noct
Dy 't it herte frede docht.

Hwêr 't men skattert : 't is in pré,
Hjir is freugde en wille ré !
Dêr is 't — sjuch mar toar en sûr ! —
Ien stik reek, gjin fonkje fjûr
Dwyljen yn in hijtte hei,
Hosse en balte en dêrmei wei.

Mar as men it baerchje skeart
Draeit it út op : misbiteard.
Yn hjar ydlens is it skaei
Allegear fen 't selde daei,
Rispet stikels út syn tún,
Ploaitst fen 't baerchje oars neat as dûn.

Tûznen seagen 't leedsjen net
Ear 't it kaem — do wie 't to let !
Bûrmans sakjen by de dei
Sjucht men yn yens waen net nei ;
Ider moat ris yn 'e wyn
Sels ris djip it lijken yn.

Hjir is ien dy 't sit ûnfoech
 Pimpljend ûren yn 'e kroech,
 Draeit him mei sok baerchgeskear
 Sels in moaije sneed yn 't ear;
 Us goefrjeon komt, fier fen plús
 Suver õfskeard, strûpt wer thús.

Yn „De heale moanne“ is 't echt,
 't Jild is samar op 'e flecht,
 Folle moanne sjucht de biis
 Laitsjend oan for 'n skieppetsiis;
 D' Aldehou sjucht Drankforstân
 For in foege útplúzer oan.

Siikje wol dêr, goede frjeon !
 Net in flokje is for dy blean ;
 En yn pleats fen nocht en tier
 Waekst de bittrens oan 't plesier ;
 Dûzlich holwirk, platte pong
 Is de fisk dy 't sûpstrôt fong.

Hille Gryk, in oar minhear
 Hinget glêd fen potten gear,
 Tôget roppich 't blanke jild
 Bynoar op ik greate bult ;
 Skoert en klauwt oan ien tried wei
 Sûnder opsjen, nacht noch dei.

For in earem minske in stûr ?
 Né det sjit der wier net oer !
 Altyd gripe en altyd mear
 Der is Hille Gryp mei klear;

En mei net to iten wint
 D' earme mei syn toskken splint.

't Baerchje dêr hy 't tou oer spant
 Is in meagre postiljont :
 Dy 't yn weelde 't jild weismyt
 Lekker drinkt en kostlik yt
 Hat it for him sels noch goed
 Mar in Gryp hat noait syn moed.

Noait is him de baergetrôch
 Swierdernôch en foldernôch ;
 For himsels in feestje ef pré
 Kin net lije, minsken né !
 Jildsucht libbet for de splint
 Gobbert op de lêste sint.

Klau, myn goede man, klau ta !
 Mar dyn nocht, noait scilst' it ha',
 Noait hast by dyn skatten rêt.
 En hwet jowt it dy op 't lêst ?
 Hiestû al it ierdske goed
 Bist' den werklik út 'e noed ?

Libje *hjoed* yn 't foarstnehôf
Moarn al leist' yn 't tsjerkhôfstof ;
 Mids yn 't libben giet de dea
 Sels de sterksten oer 'e lea ;
 En men lit de stjerrensdei
 Al yens goed oan oaren nei.

Hwet sjucht jiffrou Altogoed
 Jimmer dimmen, from en froed ;
 Yn hjar eigen each is 't minsk
 Sûnder smat, alhiel nei winsk;
 As men 't minske leauwe mei
 Is hja heilich, sa bynei.

Dôchs — ik stean hjar froedens net,
 't Komt net út in needrich hert ;
 't Is de sels-gerjuchtichheit
 Dy 't der wit-ho-tsjok op leit,
 't Is in baerch dy 't wakker skreauaut
 Mar dêr fêst gjin wol fen bliuwt.

Sy en hjar frjeondinnen binn
 Parels, dy 't net echter kinn' ;
 Mar kom net by 't frouminsk thús
 Hjar to tsjinjen is in krús ;
 Freegje det de boaden mar
 Suver is 't in lot by hjar.

* * *

Great geskreau, in grieske wol,
 Blufslach by 't skepnetsje fol
 Sa is 't wrâldske gûchelispil !
 Yn 'e baergehokken scil
 't Noait ûntbrekke oan gnoarmusyk —
 Mar sa'n sang giet nuvre bryk !

En gjin minskeherte fynt
 Rêst by 't ierdske, det fordwynt

Och hwet jowt útwrydsk gegei !
 't Is in michje fen in dei,
 't Is nin ierpel, sels nin kriel,
 't Jowt gjin fiedsel oan 'e siel.

Hiel de wrâld mei al hjar skyn
 Is oars neat as sop en wyn,
 Is in baerch, dy — my is 't wis, —
 't Knippen fier fen wirdich is.
 Hwet hjar lokjen foar yen leit
 Legens is 't en idelheit.

Dôchs de suvre wol bistiet
 Dy 't ús net forklûmje lit,
 As wy 't op de goede wei
 Rjucht fen sinnen, siikje meij' ; —
 Fandlje it by in Heech Untwyk
 Den is 't libben rom en ryk.

En hofolle ús hjir bijowt,
 As ús herte op Him bitrouw,
 Op ús wiere Sielefrjeon
 Den wirdt al ús leed fordreaun.
 Hy liedt ús mei 'n fêste hân
 Nei omheech, nei 't heitelân.

Hwêrom den noch jild to jaen,
 Hwêrom den noch war to dwaen
 For hwet sop, to wrang, to tin
 Det ús noait net sêdsje kin ?
 't Wrâldske fiedsel, skimmlich brea
 Docht ús neat as sieleskea.

Wiere nocht en libbenslok
 Sels yn lijen, pine en drok
 Fine wy by Jezus krús,
 Dêr is frede en heil for ús;
 't Jowt, bijowt him hjir ús lea
 D' oerhân sels op grêf en dea.

YNHALD:

	blêds.
Oer âlde tiden	5
Striid en frede	8
Babel	13
Simsonne útein	16
Blide wille	21
De greate Strider	24
Belsazar	27
Maria by 't krús	31
Dorkas	33
Johannes op Patmos	36
De widdow fen Starum	41
It Soenhús	46
Heiteljeafde en manneneare	56
Sjoerd Beyma	61
Op 'e Hocht	66
Yn 't fiere lân	71
It moat weage wirde	76
Nei de flakte	79
Untrou	81
Beppe by de nane	87
Yn 't lijen	89
Rie fen 't súperswiif	95
Memmeklachte	101
Hy docht ús net nei ús kwea	103
Maitiid	107
Houlikswinsk	109
Simmerjoun yn 't fjild	112
Jow ús frede	113
It jild.	116
Gânsk geskreau, in bytsje wol	121

